

Om Sint-Marten hinne



In wurkboek foar skoalle
en tsjerklike gemeente

**Om
Sint-Marten
hinne**

**In wurkboek foar skoalle
en tsjerklike gemeente**

Kolofon

Om Sint-Martin hinne is in mienskiplik projekt fan Katechetisch Centrum GCO *fryslân*, Jeugd & Kerk Friesland en it Kristlik Frysk Selskip. It projekt ferskynt by gelegenheid fan de Sint-Martens fiering yn it jier 2001.

De ynhâldlike bydragen waarden fersoarge troch:

Olchert Clevering

Cees Glashouwer

Cecile Huitema

Sea en Tabe de Jong

Wys de Jong

Huib Klijn

Henk Kuindersma

Willem Tjerckstra

Willem Vreeling

Liuwe H. Westra

Oersettings waarden makke troch:

Janna de Jong

Janke en Tamme van der Meulen

Hedwig de Roos

Teksten binne mei tastimming oernaam út (it kommende) Tsjinstboek foar de Tsjerken; útjefte Yntersjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst.

Yllustraasjes: Luuk Klazenga

Kaartsje: Kerst Huisman

De redaksje waard foarme troch:

Henk Kuindersma, Jik Leistra, Greetje Waringa,

Liuwe H. Westra en Koen Zondag.

De lêstneamde hie de einredaksje.

It projekt waard finansjeel stipe troch:

Arjen Witteveenfûns

Douwe Kalmastifting

GCO *fryslân*

Kristlik Frysk Selskip

ISBN 90-76842-12-4

© GCO *fryslân*, Ljouwert 2001

Ynhâld

In skitterjend feest (wurd foarôf)	Liuwe Westra	5
Hantlieding	Willem Tjerkstra en Koen Zondag . . .	6

Algemien

Sint-Marten	Sea en Tabe de Jong	7
In moai útstapke	Sea en Tabe de Jong	9
It kin ek oars	Sea en Tabe de Jong	11
It libbensferhaal fan Sint-Marten	Willem Vreeling	13
Lyts Sint-Martenspul	Henk Kuindersma	17
Lampions meitsje	Jik Leistra	21

Skoalle

Bibelferhalen	Wys de Jong en Willem Tjerkstra . . .	23
Leginden	Wys de Jong	28
Spegelferhalen	Willem Tjerkstra	29
Suggestjes foar in fiering	Henk Kuindersma	33

Tsjerke

Kategeze	Huib Klijn	36
Suggestjes foar in tsjinst yn gemeenten of parochys	Cees Glashouwer en Cecile Huitema . .	40
Fiering om ferhalen en lieten hinne	Olchert Clevering en Huib Klijn	44
Suggestjes foar jûnspetearen	Liuwe Westra	49

Lietebijlage		52
-------------------------------	--	----

In skitterjend feest

It sil yn 'e twadde of fjirde klasse fan 'e legere skoalle fan Tsjom west hawwe, dat ik foar 't earst yn 'e kunde kaam mei Sint Marten. Sa goed ik wit, bestie der by ús yn it doarp wat dat oangong gjin tradysje. Dat feroare troch in inisjatyf fan ús master, 'meester Visser'. Under syn lieding sette de hiele skoalle him ta it meitsjen fan lampions en it oanlearen fan lieten, en sa rûn ik foar 't earst mei in ploech lotgenoaten, de jûns fan 11 novimber, troch de buorren.

De wurdkar jout miskien al oan dat dat foar my mei mingde gefoelens wie. 'Stiif bin ik', sa 't yn ien fan 'e lieten yn dit katern stiet, en dat wie doe ek al sa. Fan nijmoadrichheden en ûnbekende gebrûken moast ik noch minder hawwe as de hjoeddeiske paus, en it heucht my noch dat ik it earste optreden fan 'e krekt oprjochte gospelgroep by ús yn tsjerke mei arguseagen en -earen folge. Doe't heit en mem nei jierren fan konsekwint wegerjen dochs in krystbeam oantúgden, wie ik dêr ek poer op tsjin. As soks yn it ferline net hoegde, koe ik gjin reden sjen wêrom't it no ynienen al goed wêze soe.

Hawar, dy earste Sint Martensloop moat my net ôffallen wêze, want letter haw ik altyd graach meidien, foaral by ús op 'e romte by de buorlju lâns. Jo rûnen einen troch it tsjuster, de lampions waaiden erflik út (of yn 'e brân), en de minsken fûnen it prachtich as wy kamen. Sint Marten wie in aventoer wurden, dat ik net graach misse woe!



Folle letter, krige ik pas sicht op 'e rykdom fan tradysjes en symboalen dy't achter dy oerâlde figuer fan Sint Marten ferskûle sitte. It trochlêzen fan it materiaal foar dit katern hat dy rykdom foar my allinnich noch mar grutter makke. It docht bliken, dat Sint Marten net allinnich te krijen hat mei ljochtsjes en lekkers, mar ek mei motorriders en fuotballers. Der binne ferbannen te lizzen mei de Bibelferhalen fan Sachéus, fan de Samaritaan, en fan de fiif breaien en de twa fisken. Jo kinne in skoaldei en in tsjerketsjinst folje mei ferhalen en lieten. En miskien noch wol de grutste ferrassing: hoefolle oft de tiid fan Martinus liket op dy fan ús ...

It liket my passend ta om op dit plak alle meiwurkers oan dit projekt te betankjen foar har ynspanning en reewilligens. In spesjaal wurd fan tank komt einredakteur Koen Zondag ta, en ús partners Jeugd & Kerk Friesland en it Katechetisch Centrum fan GCO *fryslân* yn 'e persoanen fan Greetje Waringa, Jik Leistra en Henk Kuindersma. De lêste komt de eare ta fan it inisjatyf ta dit katern, dat ik hjirby mei in protte wille oan alle skoallen en tsjerkjen yn Fryslân oanbiede mei.

Liuwe H. Westra
foarsitter Kristlik Frysk Selskip

Hantlieding

It projekt Sint-Marten is bedoeld foar skoalle en tsjerke. It ferhaal fan de mantel fan Sint-Marten is de oanlieding ta it tema: diele mei de neiste dy't tekoart komt (sjoch bygelyks de ûnderdielen *Sint-Marten*, en *Lyts Sint-Martenspul*).

It libbensferhaal van Sint-Marten, ynhâlden en betsjutting sa't dy te finen binnen yn de *Kategezellen oer Sint-Marten (ljocht - klaaiing/klean)*, binne de basis foar alle oare aktiviteiten: it fertellen fan bibel-, spiegel- en oare ferhalen; suggestjes foar in fiering; suggestjes foar in tsjinst yn gemeenten en parochys; in fiering om ferhalen en lieten hinne en it meitsjen fan lampions.

It katern *Om Sint-Marten hinne* bestiet, behalve út it foaropwurd, de ynhâldsopjefte en dizze hantlieding, út trije parten:

1. Algemien

Yn it algemiene part steane ferhalen, in toanielspul en oanwizings foar it meitsjen fan lampions, dêr't sawol de skoalle as oare fermiddens gebrûk fan meitsje kinne. Dit ûnderdiel begjint mei it ferhaal oer de mantel fan Sint-Marten, dêrnei folgje ferhalen oer spoaren fan Sint-Marten yn Fryslân en oer in alternative fiering fan Sint-Marten.

It lytse Sint-Martenspul slút goed oan by de tekst fan it libbensferhaal fan Sint-Marten. Dat libben strielet troch yn it ljocht fan ferskillende soarten lampions.

2. Skoalle

Der binne bibelferhalen dy't itselde fertelle as it ferhaal oer de mantel fan Sint-Marten. Trije fan dy ferhalen binne opnommen yn it part fan de skoalle. *Sachéus*, *de jild-ynbarder* is skreaun foar de ûnderbou, *De goede Samaritaan* foar de middenbou en *Fan Simon syn bôle en fisk* foar de boppebou. Dyselde ferhalen kinne, oanpast oan it nivo, ek yn de oare bouwen ferteld wurde. It tema fan it dielen mei de neiste komt ek yn de spiegelferhalen nei foaren: *Alles foar in gûne* is skreaun foar de ûnderbou en *Jobed* foar de boppebou.

Wa't ien of mear ferhalen ferteld hat, kin mei de bern in fiering oer Sint-Marten hâlde, dêr't ien fan de ferhalen en it lytse Sint-Martenspul yn opnommen binne.

3. Gemeenten en parochys

Yn it part foar de gemeenten en parochys binne suggestjes foar in tsjinst en in fiering opnommen. De tsjinst is liturgysk opboud: groetnis en bemoediging, drompelgebed, kommunygebed en ferkundiging. De fiering is stal jûn om ferhalen en lieten hinne.

Yn dit part steane ek de beide kategeze-ûnderdielen, dy't de basis foarmje foar alle aktiviteiten. Boppedat binne der noch suggestjes foar jûnspetearen (gruthúsbesite/ húskeamerjûn) taheakke.

Oan de ein fan it katern is in tal lieten opnommen.

Sint-Marten

It wie op in kâlde jûn. Soldaat Marten ried op syn hynder, syn mantel stiif om him hinne. Hy fer-naam de kjeld net iens, sa djip siet er te prakkesearjen.

Marten wie de soan fan in ridder. Om't heit al wat âlder waard, moast Marten yn syn plak soldaat wurde. Net dat er dat graach woe. Mar dêr waard net nei frege. Marten hie hiel oare dingen yn 'e holle as fjochtsjen. Ta fertriet fan syn heit en mem wie er al hiel jong yn de lear gongen by minsken dy't in soad fan de bibel en fan God wisten. Faak tocht er nei oer de wurden fan Jezus. No ek. 'Wat jimme foar de alderearmste fan myn bruorren dien hawwe, dat hawwe jimme foar My dien.' Dat hie er lêzen fan 'e wike. In oar helpe, dat wie dus Jezus helpe; moai wie dat.

Hy ried op 'e poarte fan de stêd ta. Hy moast avensearje, want jûns gongen de swiere doarren ticht en dan koe hy der net mear yn.

Doe seach er him. Yn 'e hoek fan de poarte siet in man, in bidler. Dy wiene der wol mear, mar dizze hie allinne wat fodden om it liif hingjen. Syn bleate earms wiene blau fan 'e kjeld.

'Help my', sei de earne. 'Ho', sei Marten tsjin syn hynder. Hy bûgde him oer de man hinne. Heden, dizze man koe wol dea gean fan de kjeld. Helpe, dat woe Marten wol, mar hoe? Hy hie gjin beurs by him en iten ek net. Ynienen wist er it. Beret luts er syn swurd. Heech tilde er de slippe fan syn mantel op en snie der de helte ôf. Hy joech de lape oan de man. Dy seach hiel ferheard, mar bewuolle himsels tankber yn de waarme lape. Sa kaam Marten by de oare soldaten oan. Dy laken him út. 'Sjoch dy healwize Marten ris', seine se, 'syn ûnderklean komme ûnder syn jas út!'



Dy nachts dreamde Marten. Der stie samar in man foar it bêd.

'Sjochst wol wa't ik bin, Marten?' frege er. Marten seach it wol. Ja wis, dat wie de bidler. Hy hie de helte fan syn mantel noch om 'e skouders. 'Ik bin Jezus, de Man fan Nazareth', sei de bidler. Marten waard suver kjel. 'Hear, ik wist net dat Jo it wiene', sei er. Jezus glimke. 'Marten', sei er, 'do bist noch net iens yn myn namme doopt en no dochst al wat ik dy opdroegen ha.'

Marten fielde him doe hiel gelokkich. No wist er, wat er woe. Dizze Hear tsjinje, dat waard syn doel.

Net lang dêrnei liet er him dope. Hy wie doe achttjin jier âld. It leafst woe er doe kluzener wurde. Mar hy wie noch hieltyd soldaat. Gelokkich kaam der in ein oan de oarloch, om't de fijân him oerjoech. No koe de soldatejas út. Marten gong yn in kleaster. As muonts die er in soad goede dingen. Hy help siken en earmen. Wat langer wat mear minsken hearden oer him en sochten Marten op.

Op in dei seine in pear minsken fan de tsjerke: 'Wy wolle Marten biskop meitsje, biskop fan Tours.' Mar och hea, nee, dat wie neat foar Marten!

Doe't er hearde dat de minsken him sochten, besocht er wei te krûpen. Hy ferskûle him yn in hok fol guozzen. O, o, Marten, hoe koest sa dom! De guozzen begûnen fansels lûd te gakkerten. Dat de minsken koene fuort heare, wêr't Marten siet. Doe koe er der net mear foar wei.

En sa waard er biskop fan Tours. Ek yn dat wurk hat er in soad goeds dien. Nije tsjerken hat er bouwe litten. Op it lêst wiene der in soad minsken dy't, krekt as hy, Jezus neifolgje woene. Mar Marten bleau ek as biskop ienfâldich. Hy woe net op de prachtige biskopsstoel sitte, dy't yn de tsjerke foar him ree stie. Hy sliepte op in hurd bêd. Want Marten wist: ryk wurde yn jins hert is folle mear wurdich as alle pracht fan de wrâld.

Yn Tours is Marten stoarn, op 8 novimber fan it jier 397. Trije dagen letter is er begroeven. Dat is al hiel lang lyn. Mar noch altiten tinke de minsken tankber oan dizze man werom. Om't hy sa'n soad foar de tsjerke en de minsken dien hat, waard hy in hillige, in sint: Sint Martinus. Of ek wol Sint Maarten of Sint-Marten. Is dyn namme Martine, Maarten, Marten, Tinus of Martijn, dan kinst dêr wiis op wêze: do bist neamd nei Sint Martinus.

In moai útstapke

It wie op in woansdeitemiddei.

Marten en syn heit en mem hienen krekt it iten op. Bûten skynde de sinne. It sinneljocht skittere op de nije auto, dy't heit justerjûn ophelle hie.

'Wat soene jimme der fan sizze as wy fan 'e middei ris in eintsje te riden gongen?' sei heit.

'Ja', rôp Marten lûd, 'mar... o nee, heit, ik soe mei Jan boartsje fan 'e middei.'

'Witst wat?' sei mem, 'freegje mar oft Jan ek mei wol.'

Eefkes letter... dêr gongen se al. Heit en mem foaryn en de jonges op de achterbank. Wat ried dy auto lekker en men hearde him suver net.

'Wêr geane we eins hinne?' frege Marten.

'No', sei heit, 'ik woe hjoed ris nei plakken ta dêr 't dyn namme yn foarkomt.'

Marten en Jan seagen elkoar ferheard oan.

Jan sei: 'Maartenswouden. Mar dat is in tehûs yn Drachten. Dêr wurket ús Sytske.'

Heit sei: 'Jan hat gelyk. Ik moat anst earst even op it gemeentehûs yn Kollum wêze. Dat duorret net lang en dan kinne jimme wol even by de tsjerke sjen, dy't der sawat foaroer stiet. Dat is de Maartenstsjerke.'


It duorre net lang of dêr seagen se Kollum al lizzen. 'Ik sjoch twa tuorren', rôp Marten. 'Hokker is no fan de tsjerke mei myn namme?' 'Dy hege, spitse', sei mem.

In heal oere letter rieden se by de Dokkumer Trekfeart lâns. 'Foarsichtich, heit', sei mem, 'dit is in smelle en drokke dyk, sa ticht by it wetter lâns.' Gelokkich kamen se feilich yn Dokkum oan.

Heit sette de auto mar eefkes op in parkearplak del. Rinnende sjocht men folle mear.

'Sjoch', sei heit, doe't hja op in plein stiene. 'Dy tsjerke mei dat lytse puntige tuorke is de Martinustsjerke.' Jan sei: 'Hy is lang sa grut net as dy fan Kollum.'

'Nee, de toer net, mar wy moatte mar eefkes yn de tsjerke sjen. Hy is grutter as er liket.' Heit hie wol gelyk.



'Maarten en Martinus is dus itselde', sei Marten, doe't se wer fuort rieden. 'Ja', sei mem, 'én der binne ek noch plakken, dy't in Martinitsjerke ha. Dy binne allegearre nei Sint-Marten neamd.'

'De Martinitoer yn Grins, dêr ha ik alris op west', sei Jan. 'Binne der yn Fryslân ek Martinitsjerken?' 'Ja, der binne wol tritich tsjerken yn ús provinsje, dy't nei Sint-Marten neamd binne. En de grutte tsjerken fan Frjentsjer, Snits en Boalsert wurde Martinitsjerken neamd.'

'Geane wy dêr hjoed noch allegear hinne?' 'Nee, dat soe te fier wurde. Ik woe oer Frjentsjer nei Boalsert ride en dêrnei wer op hûs oan', sei heit.

By Dronryp gongen se fan de grutte wei ôf. 'No ride wy op de âlde dyk nei Frjentsjer ta.' Hja wiene noch net oan Frjentsjer ta, doe trape heit op de rem. 'Hjir stiet dochs gjin tsjerke, dit is in boerepleats', sei Marten. 'Kom der mar eefkes út. Dan sil ik jimme wat sjen litte.' Doe't se achter de pleats stiene, seagen se yn 'e achtergevel in stien. In man op in hynder mei in swurd yn 'e hân en achter it hynder in man dy't hast neaken is en syn hân útstekt. S. MARTINUS stiet der ûnder. 'Ja, Jan, master hat lêsten ferteld fan Sint-Marten, dy't in stik fan syn soldatemantel ôfsnie en dat oan in bidler joech', sei Marten. 'Wat moai, dat we dat hjir sjen kinne.' It duorre net lang of hja kamen tichte by Frjentsjer. 'Sjoch, dy grutte, spitse toer is fan de Martinitsjerke', sei heit, 'dy moatte wy in oare kear mar ris goed besjen. Mar no op nei Boalsert.'

Troch it wide greidelân kinne jo Boalsert al fan fierren lizzen sjen. 'Sjogge jimme dy grutte, stompe toer? Dy is fan de Martinitsjerke. Op twa plakken yn dy tsjerke kin men sjen, dat Sint-Marten dêr de patroanhillige fan is.' 'Och, wat in grutte tsjerke is dit!' De jonges wienen der eefkes stil fan. 'Ja, hy is wol 70 meter lang en 25 meter breed. Mar no moatte jimme ris nei dizze stien sjen', sei heit. 'Dy stien is wol 650 jier âld.' Ja, je moatte goed sjen, wat der allegearre op stiet. 'En wa is dit?' wiisde heit. In man op in hynder en in swurd yn 'e hân. 'Sint-Marten!' rôpen de jonges tagelyk. Eefkes letter stienen se by de prachtich besniene koarbanken. Dêr is in soad op te sjen. 'Sjoch', rôp Marten. Wrychtich, wer Sint-Marten! No út hout snien.


Op de weromreis sei heit: 'Witte jimme wol, dat der noch in grutte tsjerke yn ús lân is, dy't oan Sint-Marten wijd is? Dat is de Dom fan Utert. Op de Domtoer stiet net in hoanne, mar Sint-Marten. En it wapen fan Utert is in skyld, de iene skeane helte read en de oare wyt. De reade mantel en it wite ûnderkleed. Dêrom hawwe de spilers fan F.C. Utrecht ek read-wite shirts oan.' Dat der safolle mei Sint-Marten te krijen hat, dat hienen Marten en Jan noait witten.

It kin ek oars

Master hat noch wer fierder ferteld oer Sint-Marten. Mûskestil is it noch eefkes yn 'e klas. Dan stekt Jan syn finger omheech.

'Master, wy hawwe yn Marten syn auto te riden west.' En hy fertelt wat se allegearre sjoen hawwe. 'Dat wie in moaie Martenstocht', seit master. 'En wêr docht de namme Sint-Marten jimme noch mear oan tinken?'

Fansels, oan 11 novimber en oan lampionnen en oan ferskes en oan... De hiele klas ropt no troch elkoar.



Master laket. 'Ja, ja ik kin jimme wol hearre; ik bin net dôf!'

As se lang om let wer stil binne, stekt Anke de finger op. Anke is it lytste famke út 'e klas en in bytsje ferlegen.

'Master', seit se, 'wat wy op 11 novimber dogge, kin dat eins wol?'

'Hoe dát sa, Anke?' freget master. Mar nee, no wit Anke net goed mear hoe't se fierder moat.

'Ik wit it wol', ropt Marten, 'wy freegje om snobbersguod en sa enne... no ja, dat hoecht eins net mear.

Master knikt. 'Ik tink dat ik begryp wat jimme bedoele. Eartiids wienen de bern faak earm en kriegen se net safolle snobbersguod. Doe wie it in hiel feest as de minsken har wat joegen.'

'No, ik krij no nóch net folle fan dat spul. Is net goed foar de toskten, seit ús mem. En ik mei it wól!' Fansels, dat is Klaas dy't oer de klas raast. Se laitsje allegearre, master ek.

'Dêrom jouwe de minsken no ek mear mandaryntsjes en sa. Mar no dy oare fraach, dy fan Anke.'

'No, ik wol wól by de doarren lâns yn it tsjuster. Lekker spannend.' Klaas wer fansels.

'Sint-Marten die krekt oarsom. Dy joech alles wei', seit Nynke.


'Dat docht Sinteklaas ek. En do wolst bêst wat yn 'e skoech ha', ropt in oar.

'Wy prate der mei inoar oer', seit master. Hy giet op 'e hoeke fan it taffeltsje sitten.

'Wy soene miskien wol wat foar oare bern dwaan kinne, dy't it minder ha', seit Nynke. Har heit sit yn in kommisje dy't yn it spier is foar in weeshûs yn Roemenië. Dy bern hawwe hast gjin boartersguod. Sa prate se noch in skoft fierder, oant der in hiel moai plan foar it ljocht komt.

Se sille in hiel soad lampionnen meitsje, dit jier. En dan geane se op 10 novimber oerdeis nei skoaltiid by de doarren lâns. Mei de lampionnen, mar dy baarne dan net. Se sille freegje oft de minsken harren lampion de oare jûns ophingje wolle, mei de ljochtsjes der yn. Yn de tún, of by de foardoar, of binnen foar it rût. Dat sil moai lykje!

En op 11 novimber, de jûns?



'Dan geane wy dóchs mei elkoar by de doarren lâns', ropt Jan. 'Sjonge wy dan de ferskes ek?' 'Jawis, dy hearre der by. Mar dan freegje wy oan de minsken oft se jild jaan wolle foar de bern yn it weeshûs.'

'Master', seit Anke ynienen benaud, 'ús mem wol net lije dat wy mei jild troch de buorren rinne. Dat is net fertroud.

Mar dêr wit master fuort rie op. 'Wy freegje jimme heiten en memmen oft der mei elke groep ien of mear meirinne wolle. Ik gean sels ek mei.'

'O, dan wol ik mei master, dan krije wy folle mear!' ropt Minke.

Yn de tekenles meitsje hja moaie folders, dêr't har plan yn útlein wurdt. Dy wurde ophinge yn de winkels en by de bank. Dan giet it oan. It hiele doarp docht mei. En op 11 novimber is it grut feest. Oeral hingje de lampionnen, in prachtich gesicht. De bern sjonge oeral yn de buorren. It giet foar wûnder.

Hoefolle soene se ophelle hawwe? 'Fêst wol tûzen gûne', seit Klaas. Master laket. 'Ik haw it jild justerjûn teld', seit er. 'Wy hawwe trije tûzen gûne foar it weeshûs ophelle.'

'Hoi, hoi! Wat in soad! Hoera!' It duorret in hiel skoft foar 't de klas wer rêstich is.

Dan seit master: 'Ik tink dat Sint-Marten wiis mei jimme wêze soe.'

It libbensferhaal fan Sint-Marten of Martinus fan Tours (± 316 - ± 397)



Sint Maarten, Sint Maarten, de koeien hebben staarten, de meisjes hebben rokjes aan, daar komt Sint Martinus aan...

Dat Sint-Marten der oan komt, witte de measten fan ús wol. In protte bern sjonge it alle jierren op 11 novimber... Snobbersguod of fruit krije se as beleaning. Mar wa kin wat mear oer Sint-Marten fertelle? Wa wie Sint-Marten? Wêr kaam er wei? Wedzje dat net folle minsken dat kinne!?

Om de echte Sint-Marten of Martinus te finen, moatte wy werom nei in hiel oare tiid en in hiel oar plak. Martinus waard berne yn it jier 316 (of 317) yn Sabaria, in stêdsje yn de Romeinske provinsje Pannonië, it tsjintwurdige Hongarije. De stêd Sabaria bestiet noch altyd, mar hat in oare namme: Szombathely. De stêd is sa grut as Ljouwert en leit net fier fan de grins mei Eastenryk. (fi It pylkje wol sizze dat it plak op de kaart oanjûn is.)

Martinus wie de soan fan in hege offisier yn 't Romeinske leger. Dat ferklearret wêrom 't 'syn heit foar de namme Martinus keazen hat. Dy ferwiist nei Mars, de Romeinske god fan de oarloch. Martinus betsjut de 'moedige', de 'kriichshaftige'.


Martinus is noch mar in jonkje as syn heit oerpleatst wurdt nei in oar diel fan it Romeinske Ryk, de hjoeddeiske Noard-Italiaanske stêd Pavia (fi). Dêr heart er foar it earst fan kristenen. In legin-

de fertelt hoe't it jonkje Martinus op in kear bûten boarte, wylst der in stoartbui losbrekt. Hy siket in skûlplak yn in tsjerke. Dêr is krekt in tsjinst oan de gong. Martinus is djip ûnder de yndruk fan de tsjerke: de kleuren, it ljocht en it sjongen. Hy wol der mear fan witte. Al gau dêrnei beslút er kristen te wurden. Hy is dan sa'n alve jier.

Syn heit is net sa wiis mei Martinus' belangstelling foar de kristlike godstsjinst. Hy wol dat syn soan militêr wurdt. It slagget heit om de fyftjinjierrige Martinus as soldaat yn 't Romeinske leger te krijen. Om't heit offisier is, krijt Martinus guon foarrjochten. Hy fertsjinnet mear as in gewoane soldaat, hat rjocht om op in hynder te riden en krijt in feint. Martinus wurdt yn de provinsje Gallië (it tsjintwurdige Frankryk) (fi) stasjonearre.

Yn Gallië fynt ek it foarfal plak dat Martinus sa ferneamd makke hat. Neffens de oerlevering rydt Martinus mei in pear fan syn kammeraden op in bûtengewoan kâlde winterdei nei de stêd Amiens (fi). By de poarte leit in bidler sûnder folle klean, triljend fan 'e kjeld. Martinus' kammeraden ride de man foarby, mar Martinus stoppet. Hy hat ta syn spyt gjin jild foar bidler, mar mei it swurd snijt er syn soldatemantel midstwa. Hy jout de bidler in helte. (Yn dy tiid wie de helte fan de klean besit fan 't leger en de oare helte wie persoanlik besit.) Dy nacht dreamt Martinus oer Kristus mei de helte fan de mantel oan. Hy sei: 'Watsto foar de minste fan myn bruorren dien hast, hast foar My dien.' De bidler hie dus Kristus sels west.





Martinus lit him as achttjinnjerrige dope. Hy bliuwt noch in oantal jierren soldaat, mar as kristen krijt er dêr hieltyd mear muoite mei. Yn 356, hy is dan tweintich jier, nimt er ûntslach út it leger. Martinus giet nei de stêd Poitiers (fi), dêr't er learling wurdt fan biskop Hilarius. Yn in dream krijt Martinus de opdracht syn heit en mem te bekearen ta it kristendom. Fia de Alpen makket er de lange reis. Syn mem beslút kristen te wurden, mar heit fielt dêr neat foar. Oaren yn de omkriten keazen der ek foar kristen te wurden.

Yn it jier 360 komt Martinus werom by biskop Hilarius yn Poitiers. Net fier fan de stêd stichtet er in kleaster, it earste yn Gallië. Hy bliuwt dêr alve jier. Somtiden giet er fuort om minsken te bekearen. Sa reizget er bygelyks nei it Donaugebiet en de Gallyske stêden Chartres en Parys (fi).

Ta syn grutte fernuvering wurdt Martinus yn 371 keazen ta biskop fan de stêd Tours (fi). Hy giet nei Tours en al gau stichtet er yn 'e omkriten in kleaster. Dêr libbet en wurket er. Ek dan makket er reizen om minsken te bekearen ta it kristendom. Op sa'n reis (miskien novimber 397) yn 'e omkriten fan Tours wurdt de goed tachtichjerrige Martinus siik en stjert koart dêrop. Al gau nei syn dea waard Martinus troch in protte minsken as hillige sjoen. Der binne allerhande wûnderferhalen oer him ûntstien. Martinus waard Sint Martinus of Sint-Marten.

Sint-Marten de beskermhillige

Yn de katolike tradysje is der in spesjaal plak foar Sint-Marten. Sa is er de patroan (beskermhillige) fan:

soldaten, cavaleristen, militêren, ruters, hynstesmidden, wapensmidden, learloaiers, wevers, earmen, bidlers, mûn(d)ers, hotelhâlders, kleanmakers, reizgers, finzenen, wynboeren, hielûnthâlders, hoeders, kastleins, ensafuorthinne.

Fierders soe hy genêzing jaan kinne by ûnder oaren: belroas, útslach, slangebitten. Ek soe hy in positive rol ha by de kâns op in goede rispinge.

Ljocht en waarmte fan 't Sint-Martensfjoer

Yn de Germaanske âldheid wie it fjoer it symboal foar it ljocht en de waarmte fan de sinne. Fan dy sinne waard yn 'e lette hjerst (of yn it begjin fan de winter) ôfskie nommen mei fjoer. Dat fjoer wie in stipe oan de yn krêft ôfnimmende sinne en tagelyk tank oan Wodan foar de rispinge. It fjoer wie ek bedoeld om boaze geasten te ferjeien. Dy Germaanske tradysje is wierskynlik de oarsprong fan 't Sint-Martensfjoer. It ljocht fynst ek werom yn de lampionnen fan de bern op 11 novimber: Sint-Marten.

Ynformaasje

Op it ynternet is nijsgjirrige ynformaasje oer Sint-Marten te finen, bygelyks:

<http://www.heiligen.net/>

<http://www.dds.nl/overig/kabam/folklore/maarten.htm>

In tige gaadlik boek is: C.W. Mönnich (1962), *Martinus van Tours*.

Lyts Sint-Martenspul

Spilers

Martinus (as jonge)

Martinus (as jong folwoeksene)

Heit fan Martinus

Mem fan Martinus

Bidler

Soldaat 1

Soldaat 2

Heit:

Marten, Marten, wêr sitst?

Toe jonge, kom foar 't ljocht!

Mem:

Hy is der net.

Hy is by syn kammeraten.

Heit:

Hast dy tonger heard?

Hast it wjerljocht sjoen? Wat in swier waar!

Ik ha yn in herberch skûle. Wat gong it need!

Ik tocht noch: as Marten no mar by hûs is.

Mem:

Kalm no mar. Marten wit hiel goed wat er docht. Hy is grif in feilich hûs yn gien.

Heit:

Dêr hast him. Jonge, wêr sietst mei dat swiere waar!

Marten:

Goeie mem, goeie heit. Ik wie yn in tsjerke.

Heit:

Yn tsjerke! Witsto wol wat dyn namme is?

Marten:

Martinus.

Heit:

Witsto wol nei wa'sto neamd bist?

Marten:

Nei Mars, de god fan de oarloch.

Heit:

Krekt. Do moast ofsier wurde yn it Romeinske leger. Lykas eartiids. Dêrom hjitsto ek Martinus. En wy binne net fan 'e tsjerke.

Mem:

Lit Marten no ris rêstich fertelle.

Marten:

It tongere. Wy wiene deun by in tsjerke. Wy binne gewoan mei de lju nei binnen ta gien.

Mem:

Wat hast dêr meimakke?

Marten:

Der waard songen. Der wie in pryster. Dy fertelde oer Jezus. Jezus is in man dy't leafde en frede bringt. Eins wie it hiel moai!

Heit:

Frede en leafde? In grut en dapper haadman silsto wurde! Dat is in hiel oar ferhaal!

Mem:

Marten, jimme heit hat gelyk. Wy binne fan de keizer fan Rome.
Wy hawwe ús eigen goaden. Do moast dy Jezus en syn ferhaal mar gau út 'e holle sette.

Ferteller:

Martinus waard ofsier yn it Romeinske leger. Syn heit woe dat sa ha. Mar Jezus en syn ferhaal fan leafde en frede koed er mar net ferjitte. Fan freonen hearde er mear oer Jezus fan Nazareth.

Op in kâlde winterjûn komt Marten as jong Romeinsk ofsier, mei in tal soldaten oan by de stedspoarte fan Amiens yn Frankryk. Hy moat yn dy stêd in brief bringe.

Bidler:

Bôle, bôle. Honger, honger.
Hear haw begrutsjen. Ik stjer fan 'e kjeld! Sjoch myn klean ris!

Marten:

Man, wat dogge jo hjir mei dit waar. Gean nei hûs. Sykje in hutte of skûlplak. De wyn is iiskâld. Jo kinne wol befrieze.

Bidler:

Ik haw gjin hûs. Ik haw neat. Nimmen wol my in plakje jaan. Se jeie my fuort. En se skelle my út.

Marten:

Ha jo dan nimmen dy 't oan jo tinkt? Nimmen dy 't jo wat jout?

Bidler:

Alle minsken litte my allinne. Se wolle my net sjen. Se wolle my net hearre. Nimmen jout my wat te iten. Nimmen jout my klean. Hear, haw begrutsjen mei my. Ik haw oars net as dizze fodden. En it is sa glûpende kâld.

Soldaat 1:

Hear ofsier, wy moatte ús brief bringe!

Soldaat 2:

Hear ofsier, se ferwachtsje ús!

Marten:

Wy moatte wat dwaan! Earme man. Jo reitsje my yn 't hert. Ik sjoch jo honger en ik sjoch jo kjeld. Neat haw ik om jo te helpen. Ik bin soldaat. In hûs haw ik net. Iten ha 'k net by my. Myn útris kin ik jo net as klaaiïng jaan.

Soldaat 1:

Krekt, wy kinne neat dwaan.

Soldaat 2:

Sa is 't. Wy kinne ús mar it bêste ôfjaan.

Marten:

Stil jimme. Lit my neitinke.

Ferteller:

En dan bart der wat. As yn in flits komme Marten de wurden fan Jezus yn 't sin:
Wa't twa mantels hat, jout der ien oan wa't gjin hat.

Soldaat 1:

Hear ofsier wat dogge jo no?

Soldaat 2:

Hoe is 't mooglik!
Hy... hy snijt syn moaie djoere mantel midstwa.

Soldaat 1:

Hear ofsier, se sille jo útlaitsje.

Soldaat 2:

Hear ofsier. Se sille tinke... tinke dat it jo yn 'e plasse slein is.

Marten:

Ik bin net gek. Der kaam allinne in stim yn myn hert.
Hjir nim de helte fan myn mantel. It kleed sil jo bleate skouders beskermje en ferwaarmje.
God is mei jo!

Bidler:

Tank, hear! Tûzen kear tank! Mei God jo de segen jaan.

Ferteller:

Dy nacht ferskynde Jezus yn in dream oan Marten. Hy seach der út lykas de bidler oan 'e poarte fan Amiens.

En hy sie: Dy bidler dat wie ik. Yn alle earme minsken bin ik oanwêzich. Doesto de bidler de helte fan dyn mantel joechst, hasto dy oan my jûn. Watsto foar de earmste fan dyn bruorren dien hast, hasto foar my dien!

Doe wie Martinus wis. Hy naam ôfskie fan it Romeinske leger om him te jaan oan syn leauwe en oan de earmen.

Ta eare fan dizze Martinus rinne bern oant hjoed de dei ta mei ljochtsjes troch it tsjuster. It spul mei de lampionnen docht ús tinken oan dielen en jaan. En it bringt ús Sint-Marten yn 't sin, dy't krekt as Jezus ljocht brocht yn it tsjustere bestean fan 'e earmen.

Lampions meitsje



Lampion fan blik

Tekenje op in konserveblik mei in filstift wat figueren. Slaan dan mei in hammer en in spiker gatsjes yn it blik of prip it patroan der mei in priem yn. Meitsje oan 'e boppekant in izertried fêst en set in waksineljochtsje op 'e boaiem fan 'e lampion. It ljocht skynt hiel feestlik troch de gatsjes.

Lampion fan karton

In hiel gewoane lampion wurdt makke fan in brede stripe eta-laazjekarton dêr't ferskate ôfbyldings op tekene binne. Tradisjoneel binne dat sinne, moanne en stjerren. Lytse bern kinne de ôfbyldings útrippe, grutteren kinne se útsnije.

Plak dan achter de iepenings kleure papier, bygelyks papier datst ek foar in draak brûkst. Rôlje it karton op as in koker en set mei lym en nytsjes de úteinen fêst. Set de koker op in stik karton en lûk it gehiel om mei in potlead.

Knip de boaiem út en knip de ûnderrâne op ferskate plakken sa'n 1,5 sintimeter yn. Plak de boaiem ûnder de lampion. Meitsje boppe twa gatsjes foar in (izer)tried om de lampion mei op te hingjen.



Op deselde wize kin in fjouwerkante lampion mei fjouwer deselde flakken of in trijehoekige lampion makke wurde. By dizze lampionnen kin by alle flakken in rjochthoeke útsnien wurde, sadat oan de sydkanten in stripe karton oerbliuwt. Dy finsters kinne op ûnderskate wizen fersierd wurde:


- Plak der in stik boeklon achter, sadat der sels kleevjende rútsjes yn komme. Dy kinne (foar in part) beplakt wurde mei kleure stikjes sitspapier of mei sân.
- Tekenje op fetfrij papier mei wyt fetkryt in patroan, bygelyks allegear krúskes. Wol goed tadrukke mei it fetkryt! Spûnzje der ien of mear kleuren ecoline oerhinne.

Lampion fan sûkerbyt

Snij de boppekant fan in sûkerbyt ôf en holje dy mei sin út oant der in skyl fan sa'n twa sintimeter oerbliuwt. Soargje eventueel foar in flakke boaiem mei in útholling foar in waksineljochtsje. Snij hoeden mei in meske, sinne, moanne en stjerren út 'e skyl, sûnder troch de wanden hinne te stekken, sa dat it ljocht der trochhinne skine kin. Meitsje oan 'e boppekant in izertried fêst, sa dat de lampion hingje kin.

Lampion fan aaidoazen

Foar dizze lampion wurde de ûnderkanten fan fjouwer of seis aaidoazen brûkt. Fervje de binnenkanten fan 'e aaidoazen yn ien of mear fleurige kleur(en). Knip de platte kanten fan de fjouwer huodsjes ôf en plak kleure trochsichtich papier oer de gatten. Ien grut fel tagelyk oer alle gatten en elk gat in oare kleur. Plak de aaidoazen oan elkoar, mei de puntige huodsjes nei bûten ta. Meitsje in boaiem fan it ôfknipte lid en plak dy der ûnder. Prip twa gatsjes boppe yn foar in hingsel fan izertried. Der kin ek in lampion fan twa aaidoazen makke wurde. Knip of snij dan de boaiems fan de aaidopkes ôf en snij út it lid wat fersierings. Fervje de aaidoazen yn in kleur en plak trochsichtich papier achter de iepenings. Plak de twa doazen oan elkoar en meitsje as fersteviging in boaiem út etalaazjekarton.



Lampion fan papier-maché

Meitsje behingerslym oan mei kâld wetter. Skuor drakepapier yn net te lytse snipers of streken. Blaas in ballon op en beplak de ballon mei in pear lagen papier. Brûk in soad lym en lit it boppeste part fan de ballon frij. Begjin altyd mei ljochte kleuren en meitsje letter fersierings mei donkere kleuren. Lit alles goed opdroegje (wol in pear dagen) en prip dan de ballon stikken. Knip de boppeste râne kreas by, ferstevigje de râne mei plakbân en prip der twa gatsjes yn foar it izertried.

Pompoenegesicht

Snij fan 'e boppe- en ûnderkant fan in pompoen in kapke ôf en holje de pompoen út. Meitsje de wand net te tin. Snij mei in skerp meske eagen, noas en mûle út. Meitsje hier fan útpluze tou en stek it fêst mei grutte spjelden of lytse spikerkes.

Skroevje in plankje op de boppekant fan in biezemstôk en slaan dêr twa grutte spikers trochhinne mei de punt nei boppen. Prip hjir de pompoen op.

Op de boaiem komt in waksineljochtsje en eventueel kin it kopke der wer opset wurde as huodsje.



Koerlampion

Knip út swart etalaazjekarton in sirkel fan 8 sintimeter yn trochsneed en njoggen streken fan 30 by 1,5 sintimeter. Ferpartsje de streken lykmjittich yn de foarm fan in stjer en plak de úteinen oan elkoar. Plak hjiroer yn 'e midden de sirkel as boaiem.

De boppekant fan de lampion wurdt foarme troch in streek fan 44 by 1,5 sintimeter dy't as in ring sletten wurdt. Plak de njoggen úteinen fan 'e streken oan 'e rânring. Knip streken kleure krêpepapier en tear se ien kear yn 'e lingte. Frisselje de streken troch de kartonbannen. De ein fan in stripe krêpepapier fêstplakke oan it begjin fan in folgjende en sa fierder gean oant de lampion oant de boppeste râne ta folslein ticht is.

Bibelferhalen

UNDERBOU

Sachéus, de jild-ynbarder

It is drok yn de stêd Jericho. Der binne in protte minsken op wei nei Jeruzalem, want it is gau feest. It peaskefeest. Sacheüs heart dat Jezus ek ûnderweis is. Hy komt mei syn freonen troch Jericho. Jezus, dêr hat er faak oer praten heard. Jezus dy't in bliid boadskip foar de minsken hat. Sacheüs besiket by it plak te kommen dêr't Jezus lâns rinne sil. Mar it is dêr o sa drok en Sacheüs is mar lyts. De minsken wolle ek net oan de kant gean foar sa'n jild-ynbarder. Dy sammelet it jild foar de Romeinen. De Romeinen binne de baas yn it lân. Nee, se wolle net oan de kant gean foar Sacheüs dy't ek noch de baas fan alle jildsammeliers is.

Wat moat er no? Sacheüs sjocht om him hinne. Ah, hy wit it al. Dêr stiet in moaie grutte fige-beam oan de kant fan de wei. Dêr rint er hinne en klimt der yn. Dat giet noch net iens sa maklik, want sa linich is er net. Mar hy rêdt it op. Dêr sit er prinshearlik op in grouwe tûke. Sa kin er moai de minsken fan boppenôf sjen.



Al gau komt Jezus der oan mei syn tolve freonen en in protte oare minsken. Allegear wolle se nei Jeruzalem, nei it peaskefeest. Sacheüs sit mûsstil yn de beam. Allinne syn hert kloppet wat fûler. No kin er Jezus fan tichtby besjen. As Hy ûnder de beam fan Sacheüs is, stiet er stil en sjocht omheech. De oaren dogge dat ek. Se sjogge in man yn de beam sitten. Wat docht dy man dêr? 'Kom der mar út,' seit Jezus, 'want ik gean mei nei jo hûs.' Sacheüs kriget der in kleur fan. Heart er dat goed? Gau lit er him út de beam sakje. Dat giet al flotter as der yn klimme. In bytsje yn 'e war wiist er Jezus en syn freonen it paad nei hûs.

Oare minsken út Jericho sjogge swart. Se begripe net wêrom't Jezus no krekt mei dy jildynklauwer meigiet. Hy koe dochs better by ien fan har nei hûs gean! Jild-ynborders, minder folk is der ommers net! Mar Sachéus is bliid. Jezus giet mei nei syn hûs. Hy hat oandacht foar him. Wa hie dat tocht? Jezus praat mei him, de jild-ynbarder. In protte minsken wolle net mei him prate. En hy begrypt ek wol wêrom. Hy hat faak tefolle jild fan de minsken frege. Mar dat moat oars! No't er mei Jezus praat hat, wit er dat dat net goed wie.

'De helte fan myn jild jou ik oan de earme minsken,' seit er tsjin Jezus. 'En as ik tefolle jild fan de minsken frege ha, jou ik it fjouwerdûbel werom.' Jezus is wiis mei Sacheüs. Hy seit: 'Sachéus it komt goed mei jo. Jo wiene fier by God weirekke, mar ik ha jo weromfûn'.

MIDDENBOU

De goede Samaritaan

Jezus fertelt de minsken wol gauris in ferhaal. In ferhaal om wat te learen. Ien fan dy ferhalen giet oer de goede Samaritaan.

Der is in man op reis. Hy rint fan de grutte stêd Jeruzalem nei Jericho. Der steane gjin huzen oan de kant fan de dyk. Oan beide kanten binne bergen. Dêr sitte djippe gatten yn. Yn dy gatten kinne minsken weikrûpe sadat oaren har net sjogge. Dat binne faak manlju dy't fan stellerij libje.

De man út Jeruzalem stapt stevich troch. Dan is er anst gau yn Jericho. Mar ynienen komme der manlju op him ôf. Se pakke him beet. Syn jild wolle se hawwe. 'Lit my los!' raast er noch. Mar wat kin er allinne begjinne? De manlju slane him mei kneppels. Alles wat er by him hat, nimme se him ôf. Sels syn mantel skuorre se út. As se de búten binnen ha, naaie se út. Swier ferwûne litte se de man út Jeruzalem op de grûn lizze.

Nei in skoftke heart er wat. Hy tilt de holle op. Au, wat docht dat sear. Mar út de eachhoeken wei hat er sjoen dat it in man út de timpel is, in pryster, dy't dêr oankomt. Hy sjocht it oan de klean. De timpel, dat is it hûs fan God! Dy man sil him grif helpe.

De man út de timpel giet nei hûs. Hy moat earst dizze dyk noch del. It is hjir soms gefaarlik, wit er, dêrom stapt er flink troch. Mar, hea, wat sjocht er dêr? Der leit ien op 'e grûn. Ha se dy soms deaslein? O nee, hy beweecht noch wat. Ik kin mar better mei in bôge om him hinne rinne, tinkt de man. Anst komme dy rôvers wer en pakke se my. Gau op hûs oan!

De earme man op 'e grûn hie earst hope, mar no rint de pryster foarby...



Eefkes letter heart er wer fuotstappen. Wer tilt er de holle in bytsje omheech om te sjen wa't der oankomt. It is wer ien út de timpel. In feint dy't dêr wurk docht. Hy sjongt yn de timpel moaie lieten foar God. En stiet by de doar om de minsken der yn te litten. No, dy feint út de timpel sil him dochs wol helpe? De timpelfeint sjocht de earme man lizzen. Tsjong, dy hawwe se raar te pakken hân, tinkt er. Ik moat sjen dat ik hjir weikom en doch krekt oft ik neat sjoen haw. En hy rint gau troch. Bang dat de rôvers him ek pakke sille.

De ferwûne man ferliest alle moed. Hy sil hjir wol stjerre moatte, want net ien helpt him... Trip, trip, heart er in skoft letter. Binne dat fuotstappen? Hy tilt de holle omheech en sjocht in man op in ezel oankommen. It is in frjemde man. Net ien fan it eigen folk fan Israel. It is in Samaritaan. En mei de Samaritanen hawwe se meastal rûzje. No, dy man sil him grif net helpe. De Samaritaan is keapman. Hy hat fan alles by him, ek oalje en wyn. Dat sil er ferkeapje. Mar earst moat er dit gefaarlike paad noch del. Avesearje mar, ezeltsje, tinkt er. Dan sjocht er heal yn de berm de ferwûne man lizzen. It is ien fan it folk fan Israel, sjocht er wol. Och, dy stakkert. Hy sil dochs net deaslein wêze? De keapman bliuwt by de man stean, lit him fan de ezel ôf glide en seit: 'Wat hawwe se jo raar te pakken hân!' Hy nimt wat fan de oalje en docht dy hoeden op de seare plakken fan de man, jout him wat te drinken en tilt him op 'e ezel. Sa bringt er him nei de herberch. Dêr moat de earme man opknappe. De Samaritaan betellet alles en dêrnei rydt er wer fierder.

BOPPEBOU

Fan Simon syn bôle en fisk (Jehannes 6:1–15)

Simon pakte de slinger, lei der in stientsje yn, seach nochris wêr't it skiep rûn, begûn te slingerjen en liet los. It stientsje skeat troch de loft en kaam in eintsje fierder wer del. It skiep seach net op of om. Doe pakte Simon in grouwere stien en smiet dy fuort sûnder de slinger. Diskear plofte de stien yn it gers, deun nêst it skiep. It dier skille op en drafke werom nei de keppel. Simon lake. Gjin wûnder dat er better sa goaie koe as mei de slinger. De measte kearen hied er it fan syn maten wûn. Se moasten dan stiennen mikke yn in iepening fan de rots. En dat koe Simon as de bêste! Folle better as mei de slinger.

Om't heit siik wurden wie, moast hy hjoed mei de keppel skiep nei de berch ta. Hy hie de slinger meinommen, want dy hearde no ien kear by in hoeder. Underweis hied er in deade tûke fan de beam brutsen. Want wat wie in hoeder sûnder kneppel? David hie dêrmei tsjin in liuw en in bear fochten, doe't er noch gjin kening wie.

Stel dy foar dat der no in liuw of in bear achter de berch wei kaam. Soe hy it oandoare om it bist mei de deade tûke te ferjeien? David wie fansels folle âlder en sterker. Om't er sa sterk wie en Goliat fersloech, wied er letter ek kening wurden.

Stel dy foar dat hysels mei in grouwe stien in Romeinske generaal ferslaan soe. Dan flechten alle Romeinen, dy't no de baas yn Israel wiene, it lân út en hy, Simon, soe kening wurde.

Simon syn mage begûn te ratteljen. Hy stiek de hân yn de hoederstas en taaste nei de bôle en fisk dy't mem him meijûn hie. Fiif bôlen en twa fisken.

'Do moatst goed ite, no'tst hjoed hoeder bist,' hie se sein, 'in hiele dei yn de bergen krigest hunger fan.' Soed er no al fêst twa bôlen en ien fisk opite? Dan hold er foar letter mear as de helte oer.

Ynienen hearde er wat. Hy liet de bôlen werom yn de tas glide en seach om him hinne. De measte skiep leine te slûgjen, guon mei de kop op 'e foarpoaten. Mar in pear rûnen fierderop, it soe net lang mear duorje, dan soene se achter de berch wêze. As dêr no ris in liuw of in bear achterwei kaam... Simon pakte de tûke en rûn der stadich hinne.


It lûd waard sterker, mar it wie net it gromjen fan in bist. Ynienen seach er minsken, allegearre folk. Safolle hied er noch noait by elkoar sjoen. De measten sieten yn it gers om in man hinne, dy't oan it wurd wie. It wie grif spannend, want it folk harke mei sân pear earen. Mar hy koe net ferstean wat er sei.

Doe seach er in man op him ôfkommen, in grutte sterke man. Mocht er hjir net komme mei syn skiep? Wat moast er dwaan? David en Goliat, skeat it troch him hinne. Mar moast hy mei de deade tûke tsjin dy grutte man fjochtsje? Doe't er him omdraaie soe, hearde er: 'Hé do, wachtsje ris!' Simon seach de man skruten oan. Wat woed er fan him?

'Hasto ek iten by dy?'

Wat in frjemde fraach. Woe dy man syn bôlen of fisk ha? Doe't er de fraach wer hearde, antwurde er: 'Us mem hat my fan 'e moarn fiif bôlen en twa fisken meijûn.'

'Net fuortrinne,' sei de man.



Hy draaide him om en rôp tsjin de minsken yn de buert: 'Wa hat mear iten by him?'

Der kaam gjin reaksje. Doe seach Simon dat de man nei de midden fan de grutte rûnte gie, eefkes mei de ferteller prate en wer op him ôf kaam.

'Meie wy dyn bôle en fisk ha?' frege er.

Simon wifele. Moast er dan sels de hiele dei mei in lege mage omrinne?

'De rabby sil der wol mei rêde,' sei de man. 'Wa is dy rabby dan?' frege Simon.

'Jezus fan Nazaret... it komt, tink ik, wol klear... ik bin Andreas, ien fan syn learlingen.'

Simon liet syn eagen nei de man glide dy't noch hieltyd rjochtop tusken it folk stie. It wie as draaide er it gesicht nei him ta en glimke. Doe stiek Simon de hân yn de hoederstas en helle de fiif bôlen en twa fisken derút.

'Tanke,' sei Andreas.

Simon wie de skiep fergetten. Hy seach dat Andreas werom rûn nei rabby Jezus. Dy soe der wol mei rêde, wie der sein. Grif, Jezus hie hunger krigen fan al dat praten en it wie mar in gelok dat hy, Simon, iten by him hie. Mar wêrom hiene se dan net earlik diele kind? Dan hie Jezus om him wol trije bôlen en ien fisk ha mochten en hysels de rest.

Elkenien siet no. Simon seach oer de hollen fan de minsken hinne hoe't Jezus ien fan de bôlen yn de hân hie, de hannen nei de himel stiek en bea. Doe breek er de bôlen en fisk yn stikken en dielde dy út. Mei iepen mûle folge Simon de rabby fan Nazaret. Safolle folk en it gie mar troch, it iene stik nei it oare.

Doe't Jezus by him wie, hold er de hân ek op. Hy seach dat Jezus nei him knypeage en fielde de bôle yn de iene en de fisk yn de oare hân. Nei't er iten hie, wied er sêd.

Doe't elkenien klear wie, leine der noch brokken op 'e grûn. Fan Simon syn fiif bôlen en twa fisken wie ek noch oerbleaun. Hy seach dat Andreas en de oare learlingen fan Jezus de brokken oppakten en der tolve kuorren mei fol krigen.

De minsken wiene oerein kommen. It rûze ynienen fan de lûden. Der waard roppen dat der in nije profeet yn de wrâld kommen wie, Jezus fan Nazaret. Mar net allinnich in profeet, ek in kening, de opfolger fan David. Dy soe de Romeinen it lân útjeie.

Simon woe ek begjinne te roppen: 'Hoera foar kening Jezus!'

Mar Jezus rûn fuort, tusken de minsken troch, de helling op, oant er út it sicht rekke. Doe rûn Simon ek mar fuort, werom nei de skiep.

By it ferwurkjen fan dizze bibelferhalen kinne jo gebrûk meitsje fan it boek fan Willemien Wikkers, *Het verhaal en daarna*, útjefte Gorinchem: Narratio.

Yn dat boek steane wurkfoarmen dy't oanslúte by de belibbingswrâld fan de bern.

Leginden

Sint-Marten en de duvel

Op in dei liet de duvel, ferklaaid as in kening, him sjen oan Sint-Marten; hy hie in poarperen mantel oan, in kroan op 'e holle en gouden learzens oan de fuotten. Syn wurden wiene goed en hy lake. De duvel en Sint-Marten stiene in skoft tsjin elkoar oer sûnder in wurd te sizzen. Doe sei de duvel: 'Marten, herkensto dejinge dêrsto hieltyd oan bidtst net? Ik bin Kristus en ik sil gau weromkomme op ierde. Mar earst wol ik my oan dy sjen litte.'

Sint-Marten bleau hiel stil stean en fernuvere him oer de wurden dy't er hearde, mar hy sei neat. Dêrom sei de duvel: 'Marten, wêrom twivelest en leaust my net, wylst ik foar dy stean. Ik bin de Kristus.'

Sint-Marten waard holpen troch de Hillige Geast en sei: 'Myn Hear Jezus Kristus hat net sein dat er mei in poarperen mantel oan en in keninklike kroan op komme soe. Dêrom sil ik net leauwe dat Hy it is dy't foar my stiet, salang't ik him net sjoch sa't er echt is en ik de wûnen fan de krusing yn syn hannen net herken.' Doe't de duvel dy wurden hearde, hie er troch dat er tsjin it fêste leauwe fan Sint-Marten net op koe.



Sint-Marten en it himd

Mei in diaken rint biskop Marten nei tsjerke ta. Underweis komt har in earme yn 'e mjitte, heal neaken, en dat yn de wintertiid. Hy smeket om klean. Sint-Marten jout de opdracht oan de diaken om de kâlde stakker oan te klaaien. Dan giet er de sakristy yn en bliuwt dêr allinne, hy wol net steurd wurde oant de tsjerketsjinst begjinne sil.

Dan giet de doar dochs iepen en ... de earme komt deryn. Dy klaget dat de diaken him letterlik yn de kjeld stean litten hat. Marten lûkt syn eigen klean út en jout dy oan de earme. Dy giet fuort en Marten bliuwt heal neaken achter. In skoftke letter ropt de diaken him achter de doar wei ta dat de tsjinst begjinne moat; it folk yn tsjerke wachtet op him. Marten ropt werom: 'Earst moat de earme klaaid wurde.' De diaken rint poerlik fuort, giet nei de merk, keapet dêr de goedkeapste klean dy't er fine kin en smyt dy de sakristy yn. Marten docht de klean oan, mar dy binne him te lyts; earms en fuotten stekke der fier ta út. It is in healwiis gesicht.

Sa giet Sint-Marten de tsjerke yn. En as er foar it alter stiet en de misse opdraacht, komme ingels dy't him yn goudbrokaat klaaie. En it folk sjocht in himelsk ljocht om de holle fan Sint-Marten hinne.

Spegelferhalen oer Sint-Marten

UNDERBOU

Alles foar in gûne

It ferhaal fan Barcem

Barcem stiet foar it rût en sjocht nei de snieflokken dy't nei ûnderen dwarrelje. Hy tinkt oan it lân dêr't er earst wenne. Dêr skynde sawat altyd de sinne. Mar de sinne wie sa hjit dat de ierde droech waard en der neat mear op groeie woe. De boeren koene gjin nôt fan it lân helje, de bakkers koene gjin bôle bakke en elkenien hie hunger. Barcem ek.

Guon minsken hiene gewearn, skeaten dêrmei en stielen it iten dat noch oer wie. Doe binne heit, mem en Barcem út har doarp wei flechte. En no wenje se yn in hûs yn in kâld lân, dêr't it snijt. Barcem drukt de noas tsjin it rût. It glês wurdt griis. Hy kin de snieflokken net mear sjen. Dan draait Bar-

cem him om. Heit en mem sitte by de tafel. Se sizze neat en sjogge mar foar har út.

'Heit, wannear geane wy werom?' freget Barcem.

Heit lûkt oan de skouders.

'Yn it lân dêr't wy earst wenne, is no noch oarloch,' seit mem.

'En as de oarloch foarby is...,' freget Barcem.

'Miskien... as der teminsten wer wat op it lân groeie wol en de bakkers wer moal hawwe om bôle te bakken.'

Barcem draait it gesicht wer nei it rût. Hy kin de snieflokken noch net sjen, om't der no triennen yn syn eagen komme.

It ferhaal fan Bernard

Bernard rint troch de snie. Hy skopt it wite spul alle kanten op. Dêr wurdt er lekker waarm fan. Eins wol Bernard hielendal net mei de snie boartsje. Hy is nijsgjirrich. Oan de ein fan de strjitte stiet it hûs sûnder gerdinen. Dêr binne minsken yn kommen út in fier lân wei, dêr't se hunger ha en dêr't oarloch is. Bernard is no flakby it hûs.

Frjemd, tinkt er, it liket krekt as is it hûs leech.

Hy rint nei it túnpaad. Sil er ris troch it rût sjen? Bernard slûpt nei it finster nêst de doar. Hy kipet om de hoeke fan it keazyn. De keamer liket leech. Oan de keale tafel sitte in man en in frou.

Se hawwe neat te iten, tinkt Bernard. Soene se ek televyzje ha?

Hy slûpt nei it oare rût. Ynienen bliuwt er stean, want twa grutte, brune eagen stoarje him oan. Bernard draait him om en draaft oer it túnpaad nei de strjitte. As hy fierder rint, stoot de snie heech op. Yn de winkelstrjitte bliuwt er stean.

Der is ek noch in jonge, tinkt er, en se hawwe gjin iten en gjin televyzje.



Bernard docht in want út en fielt yn de bûse. De gûne... dêr mocht er wat foar keapje.

Hy draaft nei de bakkerswinkel en triuwt de doar iepen.

'In bôle foar in gûne,' seit er.

De bakkersfrou sjocht him mei grutte eagen oan.

'In bôle is folle djoerder,' seit se.

'Mar... mar it is foar de minsken út in fier lân... en se hawwe gjin iten... en gjin televyzje,' stammeret er.

De bakkersfrou glimket. 'Ik ha in idee,' seit se, 'do bliuwst yn de winkel en fertelst it ferhaal oan alle klanten dy't hjir noch komme, okee?'

'Okee,' seit Bernard.

De doar fan de bakkerswinkel giet wol hûndert kear iepen en Bernard fertelt syn ferhaal hieltyd wer... oan de frou fan de slachter, de grienteboer, oan juf, de SRV-man, oan alle heiten en memmen.



It ferhaal fan Barcem en Bernard

It is drok oan de ein fan de strjitte. De doar fan it lêste hûs giet wol hûndert kear iepen. De slachter bringt fleis en woarst, de grienteboer jirpels en bananen, juf komt mei in âld televyzjetastel dat se op 'e souder fûn hat, de SRV-man sjout mei flessen molke en twa kilo tsiis en alle heiten en memmen hawwe wat meinommen om it hûs gesellig te meitsjen.

Dan komt de bestelwein fan de bakker der oanriden. Foar it hûs fan Barcem stiet er stil. Bernard springt derút. Hy swaait nei Barcem, dy't foar it rût stiet.

'Do moatst helpe!' ropt er.

Tegearre sjouwe se in grutte koer mei bôle, koeken en in feesttaart yn 'e hûs.

'Alles foar in gûne,' seit Bernard, 'en no is it feest... allegearre sitte!'

As elkenien yn in grutte rûnte op 'e grûn sit, diele Barcem en Bernard de koeken en it gebak út.

Spegelferhaal út *Leven met toekomst*, diel 3, haadstik 21



BOPPEBOU

Jobed

'Jobed' stiet op it boerd dat op 'e doar fan de garaazje hinget.

'Wat betsjut dat?' freget Niels.

Menno begjint te laitsjen.

'Do sjochst as kaamst yn de sel telâne... 'Jobed' betsjut yn tsjinst fan de Hear.'

'Ik tocht dat jim wat mei motors diene yn plak fan mei de Hear.

'Dat dogge wy ek, gean mar ris mei.'

Menno triuwt de garaazjedoar omheech. Trije grutte motors steane kreas oppoetst nêstinoar: brede bannen, lange sadels en swiere silinders. It nikkel blinkt yn it sinneljocht.

'Moaie karkes.'

Niels syn hân glydt oer de koplampe, it stjoer en de benzinetank.

'Ik keapje oer in jier ek ien.'

'Ast wolst, kinst lid fan ús klub wurde,' seit Menno.

'As ik al lid wurd, krij ik dy Hear fan jim dan ek as baas?'

'Sa soest it wol sizze kinne,' laket Menno, 'gean mar mei, dan kinst it sels meimeitsje.

Hy pakt twa motorjacks fan de heak en goait der ien fan nei Niels.

'Fange... Henk komt hjoed dochs net, dizze meist wol fan him liene, dêr leit syn helm.'

Niels sjocht minachtsjend nei it embleem op 'e rêch fan it jack.

'Hjir stiet jim Hear ek al op.'

'As ik dy wie, soe ik it mar oandwaan, it is kâld op 'e motor.'

Niels sit weidûkt achter de rêch fan Menno.

'Wêr geane wy hinne?' freget er.

'Earst oer de fjouwerbaansdyk, dan werom nei de stêd.'


Op it asfalt sjit de motor foarút, de wyn raast by de helm lâns. Niels genietet.

Oer in jier ha ik ek in motor, tinkt er.

As se werom binne yn de stêd, rydt Menno mei in gonkje fan tritich.

'Do meist fyftich!' ropt Niels.

'Hjir boartsje bern.'



Se komme yn in stille strjitte mei oan wjerskanten lytse, earmoedige huzen. Menno stjoert de motor nei de stoepe.

'Wy binne der.'

'Wennest hjir?' freget Niels.

'Nee, hjir wennet frou Faber... ik neam har tante Mynke. Fjirtjin dagen lyn bin ik har yn de supermerk tsjinkommen. Se begûn samar te gûlen. Ik ha har doe nei hûs brocht.'

Menno rint oer it tegelpaad nei de doar. It foartúntsje stiet der ferwyldere by. Foar't Menno de hân by de belle hat, swaait de doar al iepen.

'Ha, dy Menno, kom der mar gau yn!' ropt frou Faber.

'Niels is ek meikommen,' seit Menno.

'Gesellich, ik sil gau wetter opsette foar in bakje tee.'

As se mei har trijen by de tafel sitte, harkje Menno en Niels nei it ferhaal fan tante Mynke. Menno hat it al trije kear heard. As se wer begjint te gûlen, leit er de hân op har earm. It falt net ta om allinnich oer te bliuwen. Nei de dea fan har man, moat tante Mynke de swiere boadskippe-tas sels drage en de tafel liket sa leech, as se yt: der stiet mar ien board en ien kopke op.

'Dêrom bin ik bliid dat jim efkes oankomme,' seit se.

As se wer fuortride, ropt Menno: 'De oare kear nim ik wat planten foar de tún mei!'

Oan de ein fan de strjitte sjocht Niels achterom. Tante Mynke stiet noch yn de doar iepening mei de hân omheech.

Wylst Niels it jack oan de heak hinget, seit er: 'Dus dêrfoar brûke jimme de motors... tsjonge, wat in ôfstân! Dêr hiest ek wol op 'e fyts hinne kinnen yn tsjinst fan de Hear.'

'Op 'e fyts mei it motorjack oan,' laket Menno.

Spegelferhaal út *Leven met toekomst*, diel 1, haadstik 20.

Suggestjes foar in fiering

1. Yntroduksje en ferbyldings (om in kar út te meitsjen)

- a. In groepke bern komt mei baarnende lampions de fertsjustere romte yn dêr't de fiering plakfynt. Se sjonge Sint-Martenferskes.

Under de fiering wurde de ljochtsjes dôve, om se oan 'e ein wer oan te stekken: 'Om lykas Sint-Marten it ljocht dat wy fan Kristus krije fierder te bringen de wrâld yn.'

- b. De bern sitte yn 'e rûnte (of dûbele rûnte) mei in baarnend waksineljochtsje (te krijen yn metalen hâlderkes).

Yntroduksjewurden

Graach ha wy ljocht om ús hinne.

Ljocht makket ús waarm en bliid.

Hjoed wolle wy tinke oan minsken

dy't klomsk en kâld binne.

Dêrom dogge wy foar in hoartsje

ús ljochtsjes út.

Mei elkoar wolle wy yn dizze fiering sykje

om it ljocht fan 'e leafde dat nea belunet

en minsken altyd ferwaarmje sil.

Op in stuit yn 'e fiering wurdt 'it ljocht fan leafde' oan elkoar trochjûn (diel).

- c. Bern komme mei baarnende lampionnen binnen en 'de mantel fan Sint-Marten'. Dy wurdt goed sichtber en 'útspraat' ophongen yn 'e romte dêr't de fiering plakfynt.

Under de fiering wurdt de mantel yn twa helten skuord (bygelyks ûnder it fertellen fan it mantelferhaal). Oan 'e ein fan de fiering wurde op 'e helte, dy' t bedoeld is foar de earmen, briefkes mei gebedsyntinsjes stutsen of plakt. De gebedsyntinsjes kinne formulearre wurde mei help fan de folgjende sin: '*Hear, jou ús krêft om waarmte te jaan oan...*'

2. Wolkom, ynlieding en betsjutting

Moai dat jimme kommen binne. Jimme binne fan herte wolkom. Want hjoed fiere wy in bysûnder feest: it feest fan Sint-Marten. Sint-Marten wie in man dy't mear as 1600 jier lyn libbe. Mar hy is ús noch hieltyd net út it sin. Hieltyd noch fertelle wy syn ferhaal en fiere wy syn feest. Wêrom? Om't hy ús sjen lit hoe't wy mei elkoar diele kinne en dat wy ljocht skine litte kinne yn elkoars libben.

3. Sjonge

Sjoch de lieten achterynt dit katern.

4. Gebed

Heare God,

Wy binne hjir byinoar kommen

Om't wy leauwe dat Jo de ierde makke ha

foar it lok fan alle minsken.

Wolle jo by ús wêze om ús dat op 'e nij fiele en tinke te litten.

Amen.

5. Ferhaal of spul

Meitsje in kar út 'e ferhalen op side 7-12 of it lytse Sint-Martenspul op side 17-20.

Ek in goede mooglikheid is de 'ik-fertelling' of 'in solo-toaniel'. Immen spilet mei in pear stikken klean of attributen it libbensferhaal fan Sint-Marten.

Solotoaniel

Martinus ferklaaid as Romeinsk ofsier, letter as kluzener en biskop.
In yntro as foarbyld fan 'e styl dêr't dat yn kinne soe.
Sjoch foar mear ynspiraasje it libbensferhaal en de ferhalen fan Sint-Marten.

*Lang, hiel lang lyn bin ik berne.
Dat wie yn in provinsje fan Rome.
De minsken fan no soene Hongarije sizze.
Us heit wie ofsier yn it Romeinske leger.
Us âlden earen de Romeinske goaden.
Se neamden my Martinus nei Mars, de God fan'e oarloch.*

Doe't ik tolve jier âld wie, learde ik Jezus kennen...

6. Sjonge

Sjoch de lieten achtern dit katern.

7. Ofsluting

Fuortsetting fan de ferbylding (sjoch punt 1), foarbeaen (sjoch 1c) of in ôfslutend gebed.

*Heare God,
oan it libbensferhaal fan Martinus hawwe wy sjoen
hoe't wy libje kinne lykas Jezus dat bedoeld hat.
Help ús fan Martinus te learen.
Wy ha sjoen dat it dielen fan waarmte
mear is as waarmte allinne.
Jou dat wy ús oandacht rjochte hâlde op oaren,
sadat wy sjogge wat minsken nedich binne.
Tank Jo foar alles wat wy fan Jo krije,
sadat ek wy diele kinne.
Help ús om dat te dwaan.
Amen.*

8. Sjonge

Sjoch de lieten achtern dit katern.

9. Diele

By it feest fan Sint-Marten moatte wy diele, útdiele en ferdiele. Dat kin op in hiel soad manieren.
Wy neame twa mooglikheden en inkelde adressen.

By it dielen kinne wy elkoar yn tsjerke traktearje. Jou in skaal mei wat lekkers troch. It is de bedoeling dat de traktaasje jûn wurdt oan dejinge dy't nêst dy sit.

Wy kinne ek aksjes begjinne foar bern (of folwoeksenen) dy't it net maklik of earm hawwe. Elke

gemeente of parochy hat sûnder mis har eigen doelen en projekten. As it heal kin, soe dêr by oansluten wurde moatte.

As der op dit stuit gjin projekten rinne, soene jo bygelyks de folgjende adressen oanskriuwe kinne:

De Barmhartige Samaritaan

Industriestraat 1c, 2802 AG Gouda

Kontaktpersoan mefrou B. Pronk, tel. 0182-613179

Wilde Ganzen

Heuvellaan 36, 1217 JN Hilversum

Tel. 035-6251030

Kerken in Aktie

Postbus 456, 3500 AL Utrecht

Tel. 030-8801456

e-mail: info@kerkeninactie.nl

www.kerkeninactie.nl

Kategezeles oer Sint-Marten

Tema: ljocht

YNFORMAASJE

Sint-Marten

Wy folsteane hjir mei de meidieling dat wy Sint-Marten besjen kinne as it begjin fan de 40-dagen-tiid foar 21 desimber. Mear ynformaasje op oare plakken yn dizze map.

Foar de folken in belangrike datum, omdat dan it djipste tsjuster foarby is: de dagen wurde wer langer, it ljocht is kommandewei. Foar Israel in wichtige tiid, omdat dan Chanoeka fierd wurdt: ek in ljochtfeest, mar dan ferbûn oan in perioade út har skiednis: it ferhaal oer de befrijing fan de ferdrukker en it op 'e nij bemachtigjen en it werynwijen fan de timpel. Foar kristenen wie en is dat ek in belangrike tiid, omdat dan krysttiid fierd wurdt: it fieren fan de berte fan Him dy't neamd wurdt 'it ljocht fan 'e wrâld'.

Wrâld

Yn ús wrâld is in oermjitte oan ljocht. Wy prate sels fan ljochtfersmoarging en moatte it doelbewust organisearje as wy it (ien nacht yn 't jier) wer ris echt tsjuster ha wolle. Is dat symboalysk foar hoefolle oft wy hawwe, foar hoe'n bytsje wy útsjogge nei? Of liket dat mar sa en baarne wy eins dochs fan langstme?

Yn ús taalgebrûk ha de lampe, it ljocht en de kears faak ek noch wol wat fan dy betsjutting fan 'libben'. Bygelyks as wy fan in ferstoarne sizze dat syn of har kearske dôve is, fan in plan dat as in nachtkears útgje, en fan in organisaasje dy't it hiel dreech hat: wol de lêste it ljocht útdwaan?

En kenne jo noch dat byld, dy poster, dy't ús oantrúnje wol ta enerzjybewust libjen: in ierdbol dy't opbaarnt as in kears.

Gemeente

As alles ûnder it beslach fan de dea leit, yn 'e hjerst, binne wy yn 'e tsjerke dwaande mei it tema 'ferwachtsje'. Wy dogge dat benammen yn 'e advintswiken, mar eins begjint dat tema fan 'ferwachtsjen' al wiken derfoar, op de 'sneinen fan de ein fan 'e tiden'.

Op dy sneinen lêze wy faak stikken oer 'de lêste dingen', oer it weromkommen fan de Minske-soan en oer wach-wêzen; it wach-wêzen as 'oppasse foar', mar benammen as 'útsjen nei': útsjen om de Hear te ûntfangen.

Tradysje

De lampe is yn Israel al faak it symboal fan de oanwêzigens fan de Hear. It is dus saak om dy lampe baarnende te hâlden (en dêrom ek de bysûndere feestlikens by Chanoeka). Dat wurdt yn stân hâlden en stal jûn troch de omgong mei de fiif boeken fan de Tora. It kin wêze dat dat ek in rol spilet yn de gelikenis fan de (fiif) wize en (fiif) dwaze fammen.

Bibel

Yn twa evangeeljeparten oer it tema 'ferwachtsjen' spilet ljocht in wichtige rol.

Yn Lukas 12:35-40 hearre wy Jezus sizzen dat de Hear weromkomt en dat it saak is om de lampen baarnende te hâlden. Itselde motyf komme wy tsjin yn Matteus 25:1-13 yn de al neamde gelikenis fan de wize en de dwaze fammen.

OPSET

Ferkenning

It tiidsbarren

Yn dizze tiid fiere wy Sint-Marten.

Wat sil der dan barre? Wêr sil de jongerein sels oan meidwaan?

Gefoelens

Wat fiele se derby: noch aardich of al wat bernich?

Wat is der sa aardich oan? (Foar eltse reden stekke wy in ljochtsje oan)

Ferdjipping

Gedachten

Wêrom fiere wy dat feest eins, wat hâldt it yn?

Ynformaasje troch it stellen fan fragen en/of in fertelling.

Leauwe

Wat hat dit feest mei it leauwen te krijen?

Marten die wat er net litte koe, nammentlik diele/partsje út it leauwen wei, ynspirearre troch Jezus.

Hy fer-tsjintwurdig-e de takomst, hy die God-no.

Syn died set ús no oan om tekens fan hope te stellen, ljocht yn it tsjuster.

Ferwurking

Wy meitsje Sint-Martenljochten

Lampions mei tekeningen of kranteknipsels oer de wrâld dêr't wy yn libje: it ljocht yn 'e wrâld.

Of útholle koalrapen, kalebassen, sûkerbiten, pompoenen, dy't bewurke wurde ta gesichten: ljocht yn minsken.

Kategeze Sint-Marten

Tema: klaaiïng/klean

YNFORMAASJE

Yn dizze kategeze-moeting sil it benammen gean oer de mantel dy't in rol spilet yn it ferhaal fan Sint-Marten.

Wrâld

Klean spylje in wichtige rol yn ús libben, ek al omdat se in soad funksjes hawwe.

Wy hawwe klean oan:

- as beskerming tsjin de skamte om de neakenens,
- as beskerming tsjin de kjeld,
- as beskerming by guon aktiviteiten (in overall bygelyks),
- as teken fan in bepaalde funksje (toga),
- as teken om earne by te hearren (ien-foarmich: uni-form),
- as teken fan (altiten) oars wêze (status, rykdom, macht, orizjinaliteit),
- as teken fan (eefkes) oars wêze: gelegenheidsklean: by in feest of yn 'e rou.

Mar meastentiids giet it om mear funksjes tagelyk.

Klean spylje nei alle gedachten, bewust of ûnbewust, ek in belangrike rol yn de libbenswrâld fan de jongerein. Want klean binne by útstek in middel datst brûke kinste yn dyn syktocht fan dy jierren nei wat dy wol en wat dy net 'past'.

Bibel

Yn 'e bibel komme wy ferhalen tsjin dêr't klean in bysûndere rol yn spylje:

Noach en de 'mantel fan de leafde' (Gen. 9:20-23).

Joazef en syn 'pronkjas' (Gen. 37:1-4).

Elia en Elisa en Jehannes de Doper yn har profetemantel (2 Ken. 1:8; 2:13 en Mt. 3:4).

It profetysk protest tsjin de opskik fan de froulju fan Jeruzalem (Jes. 3:18-23).

Jezus: yn doeken bewuolle (Lk. 2:7), mei in kleed sûnder naad (Jeh. 19:23).

Hy leit syn kleed ôf (Jeh. 13:1-4); krijt in spotkleed om (Mt. 27:27-29).

Jezus sprekt oer klaaiïng (Mt. 5:40; 6:25-34).

De klaaiïng fan God: in mantel fan ljocht (Psalm 104:2).

Tradysje

Yn de tsjerklike tradysje sjogge wy hoe't benammen muontsen de uterste soberens betrachtsje as it om klaaiïng giet, en har beheine ta it heechstnedige. Mar dat heechstnedige moat dan ek wol beskerme wurde. Sa hearre wy yn de Tora, dat, as in earmen-ien (om in liening) syn mantel ta ûnderpân jûn hat, dat er dy mantel oan 'e ein fan de dei werom ha moat, sadat er dêr yn sliepe kin (Deut. 24:10-13).

Gemeente

Yn 'e tsjerke spilet klaaiïng ek in grutte rol: yn 'e klean fan de foargonger(s), assistinten en koarleden en sa, en fan de tsjerkegongers. Dêrby kin it ferhelderjend wêze om ris nei te gean hokker fan de neamde aspekten fan klaaiïng dan krekt oan 'e oarder binne.

OPSET

Ferkenning

It tiidsbarren

De jongerein hat bepaalde klean oan.
Dy sille wol passe, mar past dat ek?

Gefoelens

Fielst dy dêr goed by, fielt dy der yn thús?
Is it belangryk foar dy?

Ferdjipping

Gedachten

Wêrom ha minsken eins klean oan?

Hoe belangryk binne de ferskate aspekten, by it kiezen fan klean?

Do kinst by klean in listke meitsje fan it minsklike ferlet (gjin skamte, waarmte, earne byhearre, sels-ekspresje).

Mooglik as ekstra fraach: op watfoar wizen jouwe wy fierders dat ferlet syn gerak? (Middels om moai te wêzen, hûs en hurd, freonskip, ekspressive aktiviteiten)

Leauwe

As de jongerein nei tsjerke giet, of as se har âlden gean sjogge: ha se dan noch 'sneinske klean' oan? Kieze se dêrfoar? Wêrom wol en wêrom net?

Oanslutend by de ferkenning fan de ferskate funksjes kinne bibelske foarbylden neamd wurde.

Jezus hat it ek oer klean hân. Hy sei datst dy der net al te drok oer meitsje moast.

Hy die syn klead ôf om syn learlingen de fuotten te waskjen.

Hy sei datst mooglik klean mei elkoar partsje/diele kinst.

Yn 'e tsjerke ha wy in âld ferhaal oer ien dy't dield: Sint-Marten.

Yn 'e tsjerke wurdt dield/parte.

Aksjes foar oanbod fan twaddehânsklean, Leger des Heils.

Ferwurking

Hoe soene wy partsje kinne?

Petear, bygelyks oan 'e hân fan it listke fan aspekten/ferlet.

It konkreet dielnimmen oan in rinnend projekt yn tsjerke.

In aksje-T-shirt meitsje.

Ofspraak mei in diaken of ien dy't op ien of oar diakonaal mêd aktyf is.

In brief skriuwe foar Amnesty International as in mantel foar in finzene.

Suggestjes foar in tsjinst yn gemeenten of parochys

GEBEDENS

1. Groetnis en bemoediging

foargonger: Mei de Hear mei jimme wêze.
gemeente: MEI DE HEAR EK MEI JO WEZE.
foargonger: Us help is yn de Namme fan de Hear,
gemeente: DY'T HIMEL EN IERDE MAKKE HAT,
foargonger: Dy't trou is foar ivich,
gemeente: EN STIET FOAR SYN WURK.
foargonger: Amen.

2. Drompelgebed

foargonger: God, wy winskje ússels yn Jo hannen.
Dêr binne wy feilich, want Jo drage ús.
gemeente: HEAR, JO BINNE US FERLANGEN.
foargonger: Jo skinke ús ljocht en neame ús namme.
Jo brekke ús net ôf mei oardiel en ferwyt,
mar litte mei jo leafde
ús libben earst echt begjinne.
gemeente: HEAR, JO BINNE US FERLANGEN.
foargonger: Wy bidde Jo,
reitsje ús oan, en meitsje ús siele better.
Tûzen sûnden en noch mear
stean tusken ús yn en ferniele it bestean.
O God, fei se út.
Meitsje ús as nij!
gemeente: HEAR, JO BINNE US FERLANGEN.
foargonger: Jo leafde is in fûgel
dy't ús oer de djipte
fan de need en de skuld by Jo bringt.
O God, lit ús net falle.
Hâld ús fêst en draach ús oer de djipte.
Wy winskje ússels yn Jo hannen.
gemeente: HEAR, JO BINNE US FERLANGEN.
foargonger: Amen.

3. Kommunygebed

Do
Oan de kant
Oan de râne
Oan de grins

Do útskodde
Utklaaide

Ferdreaune minske
Do
God, dy't my oansjocht
Mei de eagen fan de minsten:
Rop my
Meitsje my
Ta immen
Dy't net eefkes
Mar foar altyd
Dyn kant doart te kiezen

Lit my opstean
Meitsje my ta immen
Dy't altyd siket
Nei de meiminske
Dy't syn hert iepenstelt
Foar de oar.

Jou my de moed
Om de wei te gean
Fan de minske
Dy't my waard trochferteld
En fan wa't ik de namme krigen ha
En dy't my hieltyd mear
Foar eagen komt;
Al wa't lijt oan dizze wrâld
Wêr't it ûngelyk ferdielt is,
Fan alle minsken wachtsjend op
In oar libben.

Jou my de moed
Om oan te skowen
Oan de tafel
Dy't hy reemakke hat
In tafel fan in
fernijd ferbûn mei Dy
De God fan de earmen.
Lit my miene wat ik sis
En lit it djip
Ta my trochkringe
As ik no
Ta syn oantinken
De bôle diel en yt
En de wyn te drinken jou
As syn lichem foar ús brutsen
En syn bloed foar ús fergetten.

(Frij nei Jan van Opbergen)

UTLIS

1. De Sint-Martenleginde

Sjoch side 7-8

2. Oanset foar in preek

Lêzings: Jesaja 1:18-26 en Lukas 19:41-48

a. *Ynlieding*

By in fuotbalwedstriid op 'e tillevyzje sjocht men gauris yn 'e herhelling dat in goal net de skuld fan de keeper is, mar in gefolch fan in eardere misser. In middenfjilder bygelyks hat syn eagen mar heal iepen, jout in ûnnoazele traap en ferliest de bal.

Dêrtsjinoer kin in attinte spiler dy't op it goede momint begjint te jeien, de tsjinstanner de bal ôfpakke en de ynlieding wêze ta in winnend doelpunt.

Dit foarbyld makket dúdlik dat ús dieden lytse en grutte gefolgen hawwe kinne.

b. *Setting fan de snein*

Yn dizze tiid fan it jier is dit it sintrale tema yn 'e tsjerke: wat is it effekt fan ús dieden, wêrhinne liedt de hannel en wannel fan it minskdom, wêr rint de skiednis úteinlik op út? En dat effekt fan ús hâlden en dragen soe wolris de ferbining wêze kinne tusken de beide lêzings en it ferhaal fan Sint-Marten.

c. *Jesaja 1:18-26*

Ik haw wolris heard fan boeren dy't wetter troch de molke dienen. Hjir sprekt Jesaja skande fan: keaplju dy't wetter troch de wyn dien hawwe en lead troch it sulver. Skande ropt er fan ûndernimmers en topamtners dy't inoar te freon hâlde mei djoere geskinen. Mar de minsken dy't fan in oar ôfhingje, de widdo en de wees, helpe se net. Dat is ûnrjocht.

'God lit dat net langer gewurde', seit Jesaja, 'God makket der in oan.'

De minsken dy't Jesaja oansprekt, wienen krekt oan it feestfieren. Om har wekker te skodzjen, ferpakte Jesaja syn boadskip yn in deadesang, in kleisang fan ien dy't achter in lyk oanrint. It hat net holpen. De machthawwers woene net hearre. In ieu letter ferrinnewearren de legers fan Nebukadnezar Jeruzalem. 'Sjochst wol', tochten de minsken, 'Jesaja hat gelyk krigen. Dit wie it gefolch fan har misse dieden. It is oft in maatskippij fan safolle ûnrjocht in kear yninoar stoart.'

d. *Lukas 19:41-48*

Inselde lûd hat Jezus ús Hear hearre litte, doe't er tichterby Jeruzalem kommen wie. Hy fer-naam dat syn folksgenoaten gjin acht sloegen op Gods tiid en de kânsen om syn wil te dwaan foarby gean lieten. Dêrtroch soe de tsjinstanner in bal foar iepen goal krije. Jezus skriemde, want Hy seach de púnheappen al foar Him.

Yn it jier 70 waard Jeruzalem nei in slimme striid ferwoaste troch de Romeinen. Mar de Joadske skriuwers sizze, dat Jeruzalem net fanwegen de heidenske oermacht fernield is, mar fanwegen de striid fan Joadske groepen ûnderinoar. De maatskippij wie oan syn eigen kwea te'n ûnder gien. En Lukas hie it gefoel dat Jezus it al foarsjoen hie.

e. *Sint-Marten*

Dêrfoaroer reagearre Sint-Marten krekt bûtengewoan skerp doe't er de kâns krige. Dat docht bliken út it ferhaal fan de bidder oan wa't er de helte fan syn mantel joech. Dêrmei skoart er op in ûnferwacht stuit.

En net allinne dat. Dêroerhinne is er fanwegen dy hâlding in ynspiraasjeboarne wurden foar

al syn meispilers, de ieuwen troch. Want dat is ommers de funksje fan in hillige: dat er de oare leauwigen ynspirearret ta in libben yn 'e Geast fan Kristus.

f. *En wy?*

Dêrmei komt de fraach wer by ús. Hoe gevoelic binne wy foar kânsen dy't wy krije om Gods wil te dwaan? Wat binne de gefolgen fan ús deden? En slacht ús ynspiraasje oer op 'e minsken dy't nei ús komme?

Soe it net tiid wurde dat wy ús ek liede litte fan de Geast fan Kristus lykas Sint-Marten die?

g. *Nachtmiel*

Yn it nachtmiel krije wy noch mear as in heale mantel. Kristus sels dielt syn eigen libben mei ús. Hy stekt syn hân nei ús út as in oanbod fan leafde en as in útnoeging om mei Him mei te dwaan.

Lit ús dan de eagen goed iepen hâlde, ôfjage wêze op 'e kânsen dy't God ús jout en ús hert rjochtsje op wat de frede echt tsjinnet.

Fiering om ferhalen en lieten hinne

Der wie ris in grut keizerryk.

Yn de haadstêd Rome stie it paleis fan de keizer, mei wapperjende flaggen, mei fleanende findels en blikkerjende swurden, mei hynders en weinen, mei soldaten dy't bloedreade mantels oan hiene en fûleindich mei de learzens stampten; soldaten mei mânske pânsers en goudene gaspen.

Goud, dat kocht wie mei jild dat de keizer as belesting yn bard hie út alle lannen fan syn ûnwittend grutte ryk wei. Dat hiene de minsken út dy lannen betelle oan de keizer, sadat hy se wer beskermje koe tsjin fijannen. 'Earlik is earlik', sei de keizer, 'men moat wat oer hawwe foar in feilich lân. Wapenark is djoer; en ik moat myn generaals en soldaten fansels ek betelje. En omdat ik derfoar soargje moat dat alles goed ferrint, mei iksels ek wol wat fan dat belêstingjild ha. En myn frou. En myn bern. En myn persoanen. En myn ministers. En myn freonen. En... en... en...' En sa waard Rome in stêd fan jild en fan macht, fan glâns en fan glitter, fan read en fan goud.



Yn't foarste plak foar de keizer en syn freonen, mar, it moat sein wurde, ek in bytsje foar it gewoane folk, want dat krige ek wat fan it belêstinggoud. 'Foar in libben fan wyn en bôle', sei de keizer, 'foar brea en spullen'. No, sis no sels: brea en spullen, sûnens en wille, wat wol in minske noch mear? Men koe dan ek goed sjen hoe bliid oft de minsken wiene, dat se it sa goed hiene. Se neamden de keizer 'Hear', en se fertelden fantastyske ferhalen oer him: se kranten syn nijste oerwinnings as in befrijing troch de wrâld. Yn it lêstoan rûn alles wat men hearde en seach oer fan reklame foar de keizer. En de minsken fierden by alderhande gelegenheden syn gruttens, en de wolfeart dy't er brocht hie; 'frede' neamden se dat; 'Romeinske frede', 'Pax Romana'.

Liet: *Rome* (sjoch achtern dit katern)

Rome gie it goed mei, dat wie sa klear as de dei. Dat koest oeral sjen. Mar benammen op de merk: yn 'e merkecreammen dy't grôftol leine mei sûne griente, moai read fleis en hearlike fruchten út eksoatyske lannen wei.



No ja, earlik sein koe it wolris foarkomme, datst tusken de kreammen troch ien omskarreljen seachst op 'e syk nei wat ôffalfruit, om't er te earm wie om wat iten te keapjen. Mar ast dêr wat fan seiste, wie it antwurd: 'Och, dat soarte lju fynst oeral, lju dy't net arbeidzje wolle, fan dy profiteurs. Hjir op 'e merk kinne se samar in heal ferrotte apel of in brune banaan fan 'e grûn ôfkrije, mar as men har in fatsoenlike baan oanbiedt, dan silst sjen dat se it ynienen yn 'e rêch ha. It is mar lestich, sa't se dêr op 'e grûn omkrûpe, wylst men gewoan eefkes boadskipje wol. Ik sis mar sa, menear, rotte apels en bidlers: regaad deryn meitsje, fuort dermei!'

Liet: *Merk* (sjoch achtern dit katern)

Dy krûpers en dy skarrelers, dy seachst op 'e merk, mar net allinnich dêr koest se tsjinkomme. Op oare plakken yn 'e stêd ek. Want hjir en dêr yn dy grutte stêd kamen groepkes fan dy minsken byelkoar. It wiene gjin lju fan kwizekwânsje, net fan heech oansjen, mar, krektoarsom, earne stakkerts. Dy diene dêr fan alles en noch wat, mar it meast opfallende wie, hoe't se mei elkoar oan it miel wiene. Elkenien brocht mei wat er hie, en dat waard dan omparte. En as frjemd koest der ek samar ynrinne en mei-ite, want der waard sadanich omparte, dat der foar eltsenien genôch wie. En ast dan fregest: wêrom dogge jimme dat sa, dan seinen se: 'Dat ha wy leard fan Jezus, in Joad út it doarpke Nazaret yn Israel.

Dy fertroude en fertelde dat de Heare God it sa meitsje sil dat de minsken mei elkoar diele sille, sadat der genôch is foar elkenien om fan te libjen. En omdat wy dat ek leauwe, meitsje wy dêrmei alfêst in begjin.'

Minsken oer de hiele wrâld dy't mei elkoar diele? Dat wie in eigenaardige gedachte; want ast om dy hinne seachst yn 'e stêd, dan hiest al gau troch dat it hiel oars om en ta gie yn dy stêd: feestpartijen foar de riken en jiskebulten foar de earmen. 'En dochs', sa seine dy minsken, 'en dochs leauwe wy dy Jezus. Ut dat leauwen helje wy ús hope en dêrom dogge wy de leafde.' 'Leauwe, hope, leafde? Wat wurdt dêrmei bedoeld?' 'Ja, wat wolle wy dêrmei sizze; no, sjoch mar wat wy dogge: minsken wolkom hjitte, en mei elkoar diele; en altiten binne der wol in pear dy't de jeften sammelje en dan mei-inoar itensiede en de tafel klearmeitsje, en as wy dan om 'e tafel skikke, dan tankje wy God foar it iten, en dan tinke wy oan minsken. Wy tinke oan minsken dy't siik binne, of dy't gjin wurk hawwe of finzen nommen binne troch de keizer. En wy tinke oan Jezus; oan wat der mei Jezus bard is. Dat Er fermoarde is troch de minsken, mar troch de Heare God opwekke is; dat de Heare God dus dochs trochgiet mei dizze wrâld nij te meitsjen.

Liet: *Diele* (sjoch achtern dit katern)

Alle kearen dat dy minsken byelkoar wiene, en mei elkoar ieten, fertelden se ek ferhalen, ferhalen fan Jezus en oer God en minsken. Sokke ferhalen wiene der by de rûs, dat murken se wol. De iene koe dit ferhaal, in oaren-ien dat. En op in stuit seine se tsjin elkoar: wistst wat, wy soene eins ien ha moatte, dy't dy ferhalen sammelet, en dy't op 'e siik giet nei noch mear ferhalen, en se lêst en dan oan ús wer trochfertelle kin.

Mar ja, dy ferhalen opsykje en lêze, dat wie fansels in hiel kerwei. Do koest it der net samar by dwaan, by dyn gewoane wurk as timmerman of tintemakker. Dan hiest ommers gjin tiid mear om jild te fertsjinjen foar dyn deistich brea. Dat soenen de oaren him dan jaan moatte. Dat, sa waard besletten. En sa kaam der yn dy freonerûnte fan Jezus yn Rome in ferteller. En fertelle, dat koed er. Hy fertelde ferhalen dy't minsken holpen om hoek te hâlden.

Mar op in dei wie der ien dy't sei: 'As dat no wier is, dat aanst de wrâld ien grut feest wêze sil, dan moat men dat dochs by ús net allinnich hearre kinne, mar ek in bytsje sjen kinne. Dy ferteller, dy't sokke moaie ferhalen fertelle mei, dêr soe men eins oan sjen moatte, dat syn ferhalen oer feest geane. Soe dy net in moaie mantel om krije kinne, in soarte fan ferteljas, in feestklaaiing.' Sa kaam it: dy ferteller krige in moaie mantel, dy't er oan die as se byelkoar wiene.

Liet: *Jas* (sjoch achtern dit katern)

In skoftke letter wie der ien dy't sei: 'Minsken, meikoarten hawwe wy grut feest, Peaskefeest. Soe it net moai wêze as de ferteller dan ek by it iten oan 'e tafel bidt en it iten útdielt?' 'Wat nuver', tocht de ferteller, 'bidde, dat kinne oaren dochs folle better: gewoan dy minsken, dy't op 'e strjitte libje en dy't witte wat de keizer no wer allegearre foar nije belêstings en besunigings betocht hat. En útdiele, dat kinne dy minsken dy't holpen hawwe mei sammeljen en itensieden dochs folle better dwaan?'

'Hawar', tocht er, 'toe dan mar, omdat it Peaske is.' Mar dêrnei barde it faker en it duorre net lang of it wie alle kearen wenst. En de ferteller waard hyltyd wichtiger.

As de minsken him moeten, sneins of troch de wike seine se him hiel hofflik goeiedei. En dan groete er fansels freonlik werom, en hy klaaide him sa troch de wike kreas, en sneins waarden syn wurden en syn hâlden en dragen hyltyd deftiger.

In skoftke letter hied er net allinnich in aparte jas, mar ek in aparte eigen stoel. En syn ferhalen oer Jezus waarden hyltyd mear hiele redefierings. Mei drege wurden. Lykwols: wol moai, mar deftig. En net allinnich de ferteller waard deftiger, mar eins alles. Want by dy earne minsken kamen nammentlik stadichoan ek oaren oanrinnen. Minsken út it stedsbestjoer, minsken út it sakelibben, minsken fan de hegeskoallen, minsken dy't alle dagen te krijen hiene mei de problematyk fan de moderne maatskippij, koartsein: saakkundige minsken.

En de earmen, dy wiene der bliid mei. Want dy bestjoerders wisten krekt by hokker freon fan de keizer jo wêze moasten as jo graach wat klear krije woenen. En de sakelju wisten goed hoe't jo mei jild omgean moasten. En dy knappe koppen fan de skoallen wisten in soad fan de skiednis. Dy leinen út dat it net sa maklik wie om de wrâld te ferbetterjen. En dat it ek net sa maklik wie om minsken te feroarjen yn nije minsken. En sa stadichoan kaam der wat feroaring yn de gemeente. De ferhalen giene net mear oer in nije wrâld, mar oer it âlde lietsje fan hoe min oft de minsken wol net binne. En de iterij feroare ek. Want ja, de sakelju hiene it altyd drok, dy kamen earst nei seizen, en de bestjoerders hiene jûns gearkomsten, dy moasten op 'e tiid wer fuort. En se hiene it allegearre troch de wike sa drok, dat se op har frije snein graach wat bekomme woene.



Sadwaande hâlde de gemeente tenei mar koarte byienkomsten, mei in sober miel, allinnich dat stikje bôle en dat slokje wyn; en tafelpetearen, oer bygelyks wat in bôle kostet, oer it fermin-derjen fan de keapkrêft, en hoe'tst dat yn 'e mande mei elkoar opfange kinst, dat soarte fan petearen heardest net mear.

Lykwols: se wiene der wol op foarút gien. Se hiene in eigen hûs kocht en op de reade gevel stie mei moaie letters: kristlike gemeente fan Rome. De letters blonken yn 'e sinne, mar oft it no alle-gearre goud wie wat der blonk, dat soe ik net doare te sizzen. Foar de doar seachst glimmen-de weinen mei in soad p.k.'s, en binnen: krúsflaggen heech yn 'e top en wapperjende findels, minsken mei in sûnreade kleur en behongen mei goud.

Liet: *Snein* (sjoch achtern dit katern)

Op in dei barde der wat bysûnders. De ferteller soe lykas altyd in ferhaal fertelle, mar hy klom net op syn hege fertelstoel. Hy gie tusken de oaren yn sitten, yn 'e rûnte. En hy fertelde dat er in brief krigen hie. In brief dy't net foar him allinne wie, mar foar har allegearre. It wie in brief fan de kristlike gemeente út Amiens yn Frankryk. Dy brief lies er doe foar. Dit stie deryn:

'Bêste bruorren en susters, wy wenje fier fan jim ôf, mar dochs fiele wy ús mei jim ferbûn, want fan jim hawwe wy leard om in kristlike gemeente te wêzen. Wy binne jim tankber foar wat jim ús jûn hawwe oan kennis en jild.

Mar der is ús okkerdeis wat bysûnders oerkommen, en ek al sil it wol in skoftke duorje foardat dit brief by jim oankomt, dochs fine wy it fan belang om jim dat witte te litten.

Dit jier, it jier fan ús Hear 332, ha wy hjir in glûpend kâlde winter hân. Mar aldergeloks hiene wy krekt sa'n moai en waarm hûs as dat jimme ha, en koene de gearkomsten en de kategisaasjes gewoan trochgean.

Mar doe't wy okkerdeis op snein byelkoar wiene, kloppe der in bidler op 'e doar en dy rôp almar om meilijen:

Liet: *De klop op 'e doar* (sjoch achtern dit katern)

Sa rôp de bidler, en doe't wy harken, frege er oft wy miskien ek klean foar him hiene, foar de kjeld. Mar ja, wy sieten midden yn 'e tsjerketsjinst, en boppedat, alle lapen dy't wy noch hiene,

dy woene wy hâlde om der in wandkleed fan te meitsjen foar yn 'e tsjerke, en dus ha wy him it gat fan de doar wiisd. Noch gjin tsien minuten letter kaam in kategisant fan ús deryn, in jonge fan sechstjin jier, yn oplieding foar it leger. Hy kaam wol faker healweis de gearkomste, streek-rjocht út militêre tsjinst wei nei tsjerke ta, somtiden noch mei syn reade soldatemantel om. Mar op dy dei hong syn mantel as in fodde om him hinne. En doe't wy him ferheard oanseagen, sei er: 'Ja, ik kaam krekt bûtendoar in bidder tsjin, en ik tocht oan Jezus, en oan wat hjir altiten ferteld wurdt, en ik tocht: dat moastst dan ek yn praktyk bringe. En doe ha ik him de helte fan myn mantel jûn.'



Dy nacht hat dy jonge dreamd fan Jezus, dy't syn heale mantel om hie en sei: 'Sjoch, Marten (want sa hyt er, dy kategisant), ek al bist noch mar in kategisant, do hast my dit kleed jûn.' Dat hat Marten tige rekke. Hy hat net allinnich syn mantel trochsnien, mar ek syn libben. It iene stik, syn ferline, hâldt er foar himsels, dat kin er net ien jaan.

Mar it oare diel, syn takomst, wol er tenei oan oaren jaan. Hy is út 'e militêre tsjinst weigien en sil no de tsjerke tsjinje. Mar it hat net allinnich Marten rekke. It hat ús allegearre wat dien.

Wy hoopje dat de kategisant Marten meikoarten syn belidenis dwaan sil, en dat er de tsjerke noch lang tsjinje sil. Mar foaral hoopje wy dat wy altiten wer kategisanten wurde sille fan him, om te learen wat dat no krekt ynhâldt. Belide is dwaan.

Wy tochten dat it goed wie om dit jimme te fertellen.

Dat God jimme seinigje mei.'

Suggestjes foar jûnspetearen oer Sint-Marten

Yn in protte gemeenten en parochys is it wenst dat de leden in tal kearen yn it jier de gelegenheid krije om mei elkoar gedachten en gefoelens út te wikseljen oer leauwe, tsjerkewêzen, maatskippij en bibel. Elke gemeente en parochy hat dêrfoar syn eigen foarm, bygelyks 'groothuisbezoek', 'húskeamerjûn'. Beide foarmen kinne mei of sûnder sprekker. Hjirûnder fine jo twa mooglike opsetten foar in petear oer Sint-Marten.

Opset 1: Jins eigen weijaan

Under lieding fan in foarsitter of ynlieder kinne tsjerklike bestjoeren, kommisjes of ferienings om 11 novimber hinne har op in jûn besinne op it radikale foarbyld fan Sint-Marten.

De jûn begjint mei it ferhaal fan Martinus, de jonge militêr, dy't de helte fan syn mantel weijout oan in neakene bidler. Sjoch s. 13-16 foar mear ynformaasje. Dêrnei wurdt de folgjende koarte meditaasje troch ien fan de oanwêzigen foarlêzen.

len fan de opfallendste eleminten fan it ferhaal fan Sint-Marten, is dat er syn *heale* mantel weijout. Jo freegje automatysk: wêrom de hiele mantel net? Guon lizze dat symboalysk út: hy hold syn ferline, mar hy joech de takomst wei. Gedachte: in minske kin noait alles wat fan him (har) is, weijaan. De gelearden sizze: sa'n djoere soldatemantel moast in militêr foar de helte sels betelje, de rest bleau eigendom fan it Ryk. De keizer krijt wat sines is, Kristus wat fan Martinus is. Hoe dan ek: de *heale* mantel betsjut dat Martinus *alles* joech wat er jaan koe.

Earlik diele? Wat fan him wie, joech Martinus wei. Gjin niget dat er it net lang mear yn it leger úthold. Dit is it Evangeelje frijwat radikaal tapast, en dêr is yn ús wrâld noait safolle romte foar. Dochs is de jonge Marten net yn it geweld fan de skiednis weiwurden. Krekt oarsom: dat wy syn namme no noch kenne, komt krekt fan syn radikale foarbyld. Doe't er besleat om tsjinst te nimmem yn it Keninkryk fan God, hat er der royaal op ta krigen. Hy hat noait te min middels hân en syn tsjerke siet altyd fol.

Nei in koarte stilte wurdt der diskusjearre oer de folgjende fraach: watfoar beslút soenen wy nimme kinne dat sa ticht mooglik by Martinus sines komt.

Jo kinne de iepening beslute mei it folgjende gebed:

Heare God,

*as minsken goed troch jo rekke binne
wurde se troch de wrâld net mear rekkene.*

*Jo witte hoe dreech oft it foar ús is
om ôfstân te dwaan fan wissichheden
om te kiezen foar it lot fan ús neisten
om alles los te litten en op Jo te betrouwen.*

*Wy bidde Jo dat Jo ús net loslitte
en jûn ek by ús binne as wy prate, harkje, besluten nimme moatte.*

*Miskien is Martinus de bidler wol tsien kear foarby riden,
foardat er wist wat er dwaan moast.*

*Wolle Jo ús ek helpe syn ferhaal net te ferjitten
yn alle dingen dy't op ús ôfkomme
en jou ús sa mei-inoar in goede jûn.*

*Dat bidde wy net as minsken fan dizze wrâld
mar as learlingen fan Kristus. Amen.*

Opset 2: In hillige yn ús fermidden

Under lieding fan in foarsitter, foargonger of ynlieder kinne (alle) leden fan de gemeente har om 11 novimber hinne besinne op 'e figuer fan Sint-Marten as hillige foar de gemeente.

Materiaal: giele en griene post-itbriefkes en genôch pinnen.

Ynlieding

De namme fan Sint-Marten is tige bekend. Elkenien wit dat it 11 novimber Sint-Marten is. Yn in hiel soad doarpen en stêden yn Fryslân rinne bern mei lampionnen de doarren lâns, sjonge foar de minsken en krije wat lekkers mei.

De namme fan Sint-Marten is oan in soad tsjerken yn Fryslân ferbûn. Sjoch dêrfoar it ferhaal op side 9. Sint-Marten, de hillige, hat fan it begjin fan 'e tsjerke ôf hjirre belangryk west foar de minsken. Wa wie Martinus eins?

Op alle taffeltsjes komme giele briefkes. De minsken wurde frege om op te skriuwen wat se fan Sint-Marten witte. As elk klear is, wurde de briefkes sammele.

De ynlieder lêst wat der allegearre opskreaun is. Hy (sy) jout eventueel (mei help fan it materiaal yn dit katern) oanfoljende ynformaasje.

In stikje tsjerkeskiednis

Yn 'e tiid fan Sint-Marten bestie der in grutte twaspjalt yn 'e tsjerke fan Frankryk: ien groep neamde him Ariaansk kristen, de oare groep neamde him ortodoks. Der is dus neat gjin nijs ûnder de sinne. As biskop fan Tours hat Martinus him o sa ynset om dy striid út 'e wei te helpen, en de minsken te helpen by it (yn syn eagen) rjochte leauwe te finen.

Der wurdt wol tocht dat de Friezen, doe't de earste tsjerken hjir kamen, muoite hiene om it rjochte leauwe te begripen of fêst te hâlden. Yn alle gefallen hat der in tiid west, dat yn alle tsjerken yn Fryslân alle dagen *trije* kear in spesjale belidenis fan it leauwe foarlêzen wurde moast. Sa soe it ek komme, dat krekt Sint-Marten hjirre foar de minsken belangryk wie om har tsjerklik op it rjochte spoar te hâlden.

Op de taffeltsjes komme no de griene briefkes. De dielnimmers wurdt frege om op te skriuwen wêrom't it belangryk is om ien of mear ferhalen om Sint-Marten hinne libben te hâlden. Nei it sammeljen fan de briefkes wurdt foarlêzen wat elk opskreaun hat.

Dêrnei folget it petear. De kearngedachte moat hieltyd wêze: it giet der net (allinnich) om om in hillige te ferearjen of ta him te bidden, mar om sels net te ferjitten wat hy ús sjen litte kin.

Oan de ein kin it folgjende gebed bidden wurde:

Heare God,

wy tankje Jo foar dizze jûn

wy tankje Jo dat wy net de earsten binne

dy't neitinke oer hoe't wy libje en leauwe moatte

mar dat Jo ús foargongers en hilligen jûn hawwe

dy't ús helpe om nei te tinken en fierder te kommen.

Fiifhûndert jier lyn en langer

rôpen de minsken hjirre jo tsjinstfeint Martinus oan

om om harren te tinken;

wy soenen miskien earder freegje:

helpe Jo ús om him net te ferjitten

en wat hy ús jout, om oer nei te tinken.

*Heare, bring ús sa altyd wer yn 't sin
dat de earme klean hawwe moat
dat hy in berop docht op ús
dat wy fan uzes jaan moatte
dat wy ljochten wêze meie
dy't hearre by jo grutte ljocht
dat Jo aansen wer foar ús skine litte
om ús in libben lang oan te waarmjen:
Jezus, jo leave Soan.
yn syn namme: Amen.*

Lieten

Sinte Martens mantel

Oersetting: Cees Glashouwer

Meldij: Wim ter Burg, *Wil je wel geloven*, Alles wordt nieuw III, 9

Sinte Marten wie lang lyn in heech soldaat.
Foar de keizer moast er nei Amiens op paad.
Mei syn hynder ried er as de reek sa hurd,
oan syn rieme blonk in machtich swurd.

Hieltid kâlder waard it, út 'e loft foel snie.
Sinte Marten tocht: 'Ik woe mar da 'k der wie.'
Doe ynienen rôp in bidder om syn help:
'Rêd yn Jezus' namm' my fan de kjeld.'

Sinte Marten kaam op 't hynder nei him ta,
snijde mei it swurd syn mantel gau midstwa,
joech de man in helt' en bûgde nei de grûn.
Doe field' er him mei syn Hear ferbûn.

Ljocht dat ús ropt

Oersetting: Cees Glashouwer

Meldij: Antoine Oomen, *Lied aan het licht*, Geroepen om te zingen, 127 en Gezangen voor de liturgie, 489

Ljocht dat ús ropt oerein te kommen,
wylst wy noch sliep' yn d' iere moarn,
stiif bin ik, neaken en ferklomme,
oerspiel my, Ljocht, fjurje my oan.
Omearmj' ús dat wy mei ús allen,
swiermoedich fan 'e nacht oerwûn,
net út elkoars genede falle
en weiwurde, fan nimmen fûn.

Ljocht dat foar my in plak bewarre,
myn stêd, myn hûs, ús heit en mem,
Ljocht skyn de dei dy't my útkarde,
til my omheech as ynleaf bern.
Do, bern yn my, sjoch út myn eagen
oft earne al de moarntiid daach't
dat d'ien foar d'oare wurdt in segen
en elts syn namm' yn frede draacht.

Tsjuster kin oars net as ferniele
en nimmen dy't dan takomst sjocht.
Mar ienris moat de macht ferdylge,
dy't net syn oarsprong hat yn 't Ljocht.

Mearstimmich Ljocht, lit sjen en hearre
 dyn hertslach, fjoerich, krêftich, wis,
 leafste fan minsken, earste berne
 en lêste Wurd fan Him dy 't is.

Lokkich...

Foar kantorij en gemeente

Tekst en oersetting: Cees Glashouwer

Ear' oan God yn de heech-ste hi - mel en fred' op ier-de by de mins - ken Gods.

Refrein: Ear' oan God yn de heechste himel
 En fred' op ierde by de minsken Gods.

Lok-kich d'ear-men dy't op God hoop-je, want har-res is it Ryk fan God.

Lokkich d'earmen dy't op God hoopje,
 want harres is it Ryk fan God. *Refrein*

Lokkich dy't oan it kweade lije,
 want wiswier foar har is der treast. *Refrein*

Lokkich kwetsbr' en warleaze minsken,
 want oan har is it lân tasein. *Refrein*

Lokkich dy't nei g'rochtichheid snakke,
 want ienris krij' se har gerak. *Refrein*

Lokkich dy't hert ha foar de oare,
 want len hat ek hert foar har. *Refrein*

Lokkich dy't har hert suver hâlde,
 want hja sille God de Heare sjen. *Refrein*

Lokkich dy't wurkje oan de frede,
 want Gods freonen neamt men har. *Refrein*

Lokkich bin dy't ferfolge wurde,
 want harres is it Ryk fan God. *Refrein*

Asto gjin leafde hast foar in oar

Oersetting: Gerrit Groeneveld

Meldij: Wim ter Burg en Bert Matter, *Als je geen liefde hebt voor elkaar*, Alles wordt nieuw III, 19

Asto gjin leafde hast foar in oar,
falle de dreamen yn 't wetter.
Dreamen fan frede geane teloar,
't minne dat wurdt noait wer better.

Refrein: Asto gjin leafde hast foar in oar
bist do fier fan Gods gloria (2x)

Asto gjin antwurd hast op fertriet,
sille de triennen net droegje.
As buormans lok foar dy net bestiet,
silst do Gods wurden ferbûgje.

Refrein

Asto gjin each mear hast foar it leed,
of wolst dyn neiste net hearre,
tink dan oan Him dy't brea en dy't fisk
dielde foar allegearre.

Refrein

As wy gjin leafde ha foar elkoar,
is der gjin hoop mear op segen.
Berntsjes gean yn de leafde mar foar,
skriuw it op alle wegen.

Refrein

De frede fan de Hear

Oersetting: Cees Glashouwer

Meldij: Anders Ruuth (Argentinië), *La Paz del Señor*, Hoop van alle volken, 79

De frede fan God, genede fan God,
de leafde fan God sil dy liede.
Ja, Hy hâldt dy fêst, skinkt útsjoch en rêst.
Gjin kwea kin dy fan Him skiede.

It doocht fan gjin kanten mei dizze wrâld,
de minsken roov' en ferniele.
Mar God joech syn soan ta iders behâld,
woe mei ús syn hope diele.

Fertrou dan syn Geast en wol alderearst
de striid foar gerjochtichheid stride.
Dan rinst yn it ljocht op wegen fan rjocht,
op wegen fan hielens en frede.

De frede fan God, genede fan God,
 de leafde fan God sil ús liede.
 Ja, Hy hâldt ús fêst, skinkt útsjoch en rêst.
 Gjûn kwea kin ús fan Him skiede.

Rome

Tekst: Huib Klijn

Musyk: Olchert Clevering

1. Ro - me, Ro - me, Ro - me, de haad-stêd fan it ryk,
 2. Ro - me, Ro - me, Ro - me, de haad-stêd fan it ryk,
 3. Ro - me, Ro - me, Ro - me, de haad-stêd fan it ryk,
 4. Ro - me, Ro - me, Ro - me, de haad-stêd fan it ryk,
 5. Ro - me, Ro - me, Ro - me, de haad-stêd fan it ryk,
 6. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Dy stêd is al sa âld Dochs

1. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Dêr - hinn' rint el - ke dyk, it
 2. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Dêr - wei rint el - ke dyk, En
 3. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Dêr - yn rint el - ke dyk, Op
 4. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Dêr is elk - en - ien ge - lyk, Sa
 5. Ro - me, Ro - me, Ro - me, Gast - frij foar Joad en Gryk, Sa
 6. bliu - we mins - ken bid - den Om heil foar stêd en wrâld: Ach,

1. leit der, loe - ret lok - ket In spinn yn't dead - lik reach, En
 2. op 'e dyk sol - da - ten, Har nam - me: 'Le - gi - oen', Sa
 3. 't mid - den fan de stêd ta Plein sûn - der peal of perk, Wêrt it
 4. lang 't se mar be - tel - je Foar spul - len en foar brea, Foar
 5. freed - sum en fer - draach - sum Foar i - der minsk' of god, As
 6. Hear, sjoch diz - ze stêd hjir En wat der rû - nom bart: It

1. wat de mig - gen bin - ne. Dy fraach is net sa
 2. wurdt oan al - le lan - nen De Pax Ro - ma - na
 3. sin - trum fan 'e wrâld leit, Dêr is de frij - e
 4. sport yn 'e a - re - na Foar striid op libben en
 5. 'i ei - gen folk mar earst komt, En Cae - sar syn ge -
 6. lon - ger - jen en wacht - sjen Op wat de ta - komst

1-5
 1. dreech...
 2. jûn.
 3. merk.
 4. dea.
 5. bod.
 6.
 hat!

'Legioen' docht tinken oan it ferhaal út Lukas 8:26-39 oer de 'besetene' Legio'.

Spullen/soel = sport, in de 'arena' = ArenA.

Minsk stie parallel mei eigen folk en god mei Caesar.

Foar stêd en wrâld = urbi et orbi.

'longerje' komt út Romeinen 8.

Merk

Tekst: Huib Klijn

Meldij: Gesang 243

Ast d'eagen dêr mar iepen hast,
 sjochst ek de oare kant:
 De earme kant fan 't Romeryk
 dy't op 'e strjitte leit:

De ûnderkant fan 'e maatskippij,
 de krûper op 'e grûn
 dy't haveloas en havelaar
 om iten skarrelet;

dy't ôffal yt en ôffal wurdt:
as túch en smoargens sjoen,
net iens foar brea en spullen libb't,
mar mear foar spek en brea.

Mar dy't heech yn 'e himel sit
en yn 'e lichte sjocht,
dy helpt de swakke wer oerein
en docht de earmen rjocht!

Haveloas en havelaar: ferlykje de 'max-havelaar' organisaasjes.
It lêste kúplet komt út Psalm 113.

Diele

Tekst: Huib Klijn

Meldij: *Shalom chaveriem*, Allewiejo, 82

De sinn' as in fjoer, de rein út 'e wolk,
dat krije wy.
De romt' om te libjen, foar rjocht en sljocht folk,
dat diele wy.

It nôt op it lân, de drúf oan 'e stok,
dat krije wy.
It deistich brea, de wyn fan gelok,
dat diele wy.

In liif as in hûs, mei hûd en mei hier,
dat krije wy. In feilige wente foar minske en dier,
dat diele wy.

De wurden fan doe: myn skepping komt goed,
dat krije wy.
En hope foar anst en leafde foar hjoed,
dat diele wy.

Fjoer en wolk wiene by it folk Israel ûnderweis yn de woestyn.

Romte foar rjocht en sljocht: Hy lit de sinne opgean oer rjochtfearldigen en ûnrjochtfearldigen.

Jas

Tekst: Huib Klijn

Meldij: Gesang 239

Sjoch: de fertellers krije in jas.
Elk kiest de jas dy't bij har past:
de mjitte nommen, knipt en naaid,
oe sa kreas wurdt it Wurd oanklaaid.

De ien is sloarderich en slof,
in oaren-ien is lang fan stof:
mei stive raapskyl, of flewielich,
kleed sûnder naad of trijedielich.

In fod, of sûnder ryt of slyt,
straf swart of krekt fan wille wyt.
Mei alle kleuren fan it ljocht,
in jamkste fâld' of kleed fan rjocht.

Jamkste fâlde is de 'liefste vouw', dêr't in oar yn beskerme wurdt, de mantel fan de leafde.
Kleed fan rjocht: oardieljend, toga fan de rjochter.

Snein

Tekst: Huib Klijn

Meldij: Gesang 473

Alle dagen die en lot,
mar de snein is jefte fan God.
Dat de minsken en de dieren
frijheid oefenje en fiere.

Dei om te ferdivedearjen
en om jin wer te bekearjen;
om nei tsjerke ta te gean:
Himmel yn 'e holle, himmel yn 'e klean.

Minske tsjûgje fan gelok,
it sjongen klinkt der as in klok,
fynbesnare de muzyk,
en de rest is krekt allyk:

Wyn en brea en sulveren skalen,
kannen, bekers, en bokalen,
wite kleden fan damast,
kearsen, koaren, alles út 'e kast.

Hearlik, al dy wijreekgeuren.
Prachtich moai dy blommekleuren,
fyn fersoarge, alder kreast;
lykwols waait dêr soms de Geast:

En ynienen seit der ien:
'Wat in drokte foar de wyn!
Fuort dy toeters, en dy bellen,
as hjir earmen net meitelle!'

De klop op 'e doar

Musyk: Olchert Clevering

Dit liet bestiet út ien rigel mei twa kear 'Hear, ûnfermje Jo'. Dy rigel is yn tsien talen en wurdt fjouwer kear herhelle. Elk kin de taal kieze dy't hy/sy sels wol (of mear talen kiezen).

The musical score is presented in ten languages, each with its own vocal line and lyrics. The languages are: Frysk, Hollânsk, Súd-Afrikaansk, Ingelsk, Latyn, Maleisk (Yndonesië), Pakistaansk, Braziliaansk, Russysk, and Gryksk. The score is in G major (one sharp) and common time (C). The lyrics are repeated twice. At the bottom, there is a piano accompaniment consisting of a treble and bass clef staff.

Taal	Lyrics (First Verse)	Lyrics (Second Verse)
Frysk	Hear, ûnt - ferm - je Jo.	Hear, ûnt - ferm - je Jo.
Hollânsk	He - re ont - ferm U.	He - re ont - ferm U.
Súd-Afrikaansk	Si ha - wu - ke - le.	Si ha - wu - ke - le.
Ingelsk	Lord, have com - pas - sion.	Lord, have com - pas - sion.
Latyn	Mi - se - re - re.	Mi - se - re - re.
Maleisk (Yndonesië)	Tu - han, kah - sih a - ni.	Tu - han, kah - sih a - ni.
Pakistaansk	Ku - da - ya ra hem kar.	Ku - da - ya ra hem kar.
Braziliaansk	Sen - hor tem - pi - e da - de.	Sen - hor tem - pi - e da - de.
Russysk	Gos - po - di po mi - luj.	Gos - po - di po mi - luj.
Gryksk	Ky - ri - e e - le - i - son.	Ky - ri - e e - le - i - son.
begelieding/ koarsetting		

Om Sint-Marten hinne
Koen Zondag (red.)

ISBN 90-76842-12-4

Om Sint-Marten hinne is in útjefte
fan it Katechetisch Centrum fan GCO Fryslân,
yn oparbeidzjen mei Jeugd & Kerk Friesland
en it Kristlik Frysk Selskip.

Ljouwert, oktober 2001

Layout en printwurk Grafisch Bedrijf Hellinga, Ljouwert